



Mei stille moed.

Mei ynlike blidens geane wy mei de 16e jiergong ús Fryslân yn. Wy libje yn stil bitrouwen op riizjende takomst. Net om't wy safolle nije en wichtige dingen op 't aljemint bringe kinne, mar om't it in fierder gean wêze scil yn de âlde spoaren.

Wy libje by de idealen, troch ús foaroanmannen Huismans en Wumkes sa treftich útteikene. Wy easkje it Fryske op for it hillige, for Testemint en Psalmboek, for geastlik liet en Christlik forhael. Dêr hat altiten ús bodzjen for west, en sa scille wy trocharbeidzje. Forline jier is ús Psalmboek útkommen; it waerd goed bioardiele en giet fiks fen 'e hân. Dat is ús ta wille. Mar dy pear tûzen boekjes is ús eindoel net. Wy moatte fierder. Yn ider Christenfrysk húsgesin moat ús Psalmboekje de hillige lieten ta segen jaen. Dêr moatte wy ús propaganda op ynruchtsje.

Yn it boekje binne noch in pear flaters to forbetterjen. De Lofsang fen Sacharias, fers 2, op ien nei de lêste rigele moat lêzen wirde:

Hy tinkt oan 't sillich trouforboun,

Fers 3, op ien nei de lêste rigele:

De ôfmêdden dochst it heil forstean,

En fers 4, al wer op ien nei de lêste:

Oer Jakobs hûs forskynt it Ijocht,

Der scille mûglik ek inkelde wirden yn 't boekje wêze, for alleman net like dûdlik, ef útdrukkings dy't der net suver op lâns kinne. Mocht my deroer skreaun wirde, safolle mûglik komt dêr andert oer yn dit tiidskrift.

In bûtengewoan treftich wirk hat Dr. Wumkes forrjuchte mei it oersetten fen it Nije Testemint. Hawwe oaren ris in inkeld Bibelboek yn ús taal oerbrocht, troch Wumkes syn arbeid is it binen koarten tiid sa fier it Fryske Nije Testemint op tafel komt. Mei de revisy binne wy al oer 'e helte; de ein fen 'e foararbeid is dos hast to sjen,

yet in lyts hoartsje tiid, en dat wirk kin nei de printerij. Hwet kin hjer wer in swide frucht it gefolch fen wêze!

Yn 't alderearste nûmer fen ús tiidskrift skreau Wumkes: it tinkyld is hast to heech om in Fryske bibel to krijen, — mar wy binne nou dochs sa fier det wy dêr moed op krije doarre. Wy binne Wumkes tige tankber for al hwet hy hijroer biskrept hat, — noch heger wolle wy ús Himelheit hjerfor priizje.

Den hawwe wy de Fryske preek. Ho kostlik it Evangeelje yn eigen taal to bringen is hat Wumkes faken mei syn preekjen biwiizge; ek de meditaesjes yn ús tiidskrift wize út, ho ynlik wy ús Christengelove yn egen klanken uterje kinne. Wy wolle sa trochgean. Yn 'e folgjende jefte meije wy wer in Fryske preek fen Wumkes plak jaen.

Yn ús tiidskrift wolle wy trochgean mei ús siele to uterjen, lyk dy wit fen de goudene treast, dy't yn libben en dea de leauwende ta fêste stipe bliuwt. Wy sjonge fen de Himelheit en fen Jezus Christus dy't yn 'e dûnkre dizen fen ús ierde it ivige Ljocht skitterje lit. Wy jubelje oer 'e forsoening fen it kwea yn it bloed dat op Golgotha floeid hat.

Dat is gjin moai-optugerij. Gjin opsierjen fen it fers mei Hillige nammen. Wy scoene sels dy Heilsnamme folle faker neame wolle, wier 't net det wy huveren om mei bismodze hannen it Suvere del to heljen.

Sa arbeidzje wy troch. Goedernôch wit elk fen uzen det syn wirk bishyplik is, mei lekken en brekken ôfmakke, mar dochs wolle wy stribje nei heger en moaijer wirk, ek om skriftekindich it wirk op peil to bringen. Mei klam wol ik der hjer op wize det ús wirk seedlik rjucht hat op aller Christenfriezen meiwirking en weardearring. Hawwe de oare Fryske periodiken de Bibel net as grounslach, ús Selskip mei syn orgaen fynt hjer just syn sterktme en fêstens. Graech wolle wy it oare Fryske wirk as sadanich earje, mar dûdlik is 't det wy mei minsken dy't net út itselde bigjinsel libje, dy't net deselde oertsjûging en itselde gelove hawwe, yn tiidskrift ef wykblêd net mei elkoar oparbeitdje kinne. Libbenoertsjûging giet ûneinch djipper den nasjonaliteitsfieling ef it stean op ien en deselde hichte fen kulturele ûntjowing.

Iepenlik wol ik hjer sizze det ik it net goed krije kin as gûdden fen uzen hjar bijowe ta in tiidskrift dat net mei ús opkomt for de eare fen Kening Jezus. Der is gjin reden ta sok dwaen. En it is in

bilet for ús eigen aksje. Sprekken oer ús wirk foegel alderinst, mar der is oant nou ta gjin reden for Christenfriezen om to sizzen: it tiidskrift komt troch in bank mei sokke minne stikken det ik myn namme to goed achtsje om mei soksoarte skriuwers yn 't span to rinnen.

Yn ús tiid de bilidenis fen de Chrisus. Dat is de hert-ier fen ús wirk. Dat to bifoarderjen scil de kroan op ús striid wêze.

Wy sjugge de greate geastlike wraksel fen dizze dagen. Om ús bigjinsel moatte wy dêr oan meidwaen. Wy dogge dat yn 't gelove. Alle fûn- en bygelove moatte wy tsjingean. Ek de slap-religieuzens fen ús tiid. De namme fen God is in boartersding warden. Wy fielet der gjin underskie is twisken de fortsjinwirdigers fen it Bibelbistridend wanleauwen, hy mei den Waling Dykstra ef Douwe Kajma hritte. Twisken dy mannen is forskil fen geastesûntwikkeling oan to jaen. De geastesrjuchting is deselde. Der is allinne forskil fen tiid en inkeld uiterlike dingen. Dêr sette wy de massivens fen ús gelove foar oer.

Mear as oant nou ta tidigje wy op 'e help fen alle Christenfriezen. Hja hearre ús to stypjen. Wy stride allegearre for itselde dierbre gelove.

Wy wolle dat dwaen yn eigen taal, om't wy dat as ús plicht enroppig witte. De fryske siele, hjar uterjend neffens oainliz yn 't fryske wird hat rjucht om heard to warden; wy sjugge dy as in skepping Gods. Dat diel fen 'e skepping mei net forwaerloazge, mar moat yn ûnmidlik forbân mei de Ivige hâlden wirde.

Sa stride wy for it skeppingswirk, om yn dat hillige wirk de Skepper ta Syn eare to bringen. En God mei dêr syn segen op rête litte, en mei Syn Geast ús herten bistrielje.

A. M. WYBENGA.

Tiidklachte.

Nei Psalm 74.

Hwerom o God, dy't al ús wraksel wit
Forstjitte Jo Jins bern yn ivichheden?
Ho foelen wy toslein fen kjelt en neden
Yn wieljend wea! Us bliuwt gjin hiem, gjin sit.

Tink oan Jins folk, Jins djûre tsjerke, o Hear,
Dy't Jo fen âlds forwirven en forgearren,
Jins Sionsfaem komt nocht noch treasting hearren:
De wylde wrâld slacht al Jou bern yn 't near.

Kom ringen ta en sjuch nei 't woast bidriuw:
De fijân hat syn wieldelieten songen,
Is yn Jou hûs en hillich wensté krongen:
Hja smaedzje it folk, bilastrje en húnje Jo.

De sünders gean to kear mei dryst gewelt
Op 't hillich sté, dêr't eren frommen preken,
Hjir setten hja hjar fynsels ta in teken,
Ha's eigen Ijocht tsjin 't âld gelove steld.

Hja namen út Jou hûs ús Jezus wei,
Ha 't segel fen gelove en hope britsen,
Mei skyn fen blomt it hillich krûs biditsen,
En komme it bloed dat ús forlost tonei.

Hja setten hounsk Jins hillichdom yn 't fjûr;
Hj' ûnthaligje mei fenyn fen stjonkende amme
Jins heech paleis, de wente fen Jins namme:
It ûngeloaf geit wreed de filden oer.

Hja sizze yn 't hert: de Minske allinne is heech,
De Minske jowt it Godlik wird to hearren,
Der binn' gjin Ijochten heger as de stjerren.
Sa lizze hja Jins greate namme leech.

En wy, wy falle yn dize en doarmjen del,
Fen goed en bloed, fen geast en treast forlitten;
Gjin heilsprofeet giet machtich oer ús strjitten,
Us greateren gean, wy lytsen skodzje fel.

Ho lang, o God, scil ús de tsjinpartij
Mei hirde hûn, mei wieldewieling narje?
Scil nea de stoarm oer 't hillich hûs bidarje
En bring J' ús net yn mieden, grien en frij?

Hwer bliuwt Jins hân mids wylde wrâlds gerûs?
Forhear, o Hear, ús snokkrjend hjitte bean,
En bring wer groede yn ús forheistre geaën;
O meitsje in ein, jow frede yn 't útkard hûs.

Jo binne dochs fen âlds ús riizjend Ijocht,
Us glânsryk heil yn foarige willetiden;
Do bloeide tsjerke en folk yn blank forbliden
En hien' J' ús mei Jins golle rêt bitocht.

Jy spjalten ús de macht fen tsjustre sé,
Wy gyngen oer ús groun mei wisse trêdden
Dêr't J' ús mei 't heil fen earste Ijeafde sêdden
Wy dijden út mids d' Evangeljefré.

Yn 't foarge haw J' ús sielespize jown,
Sa hearlik det w' ús bliid yn Jo formakken;
Al leegren w' ús yn skrokke en toarre plakken,
It skrielste sân foroare yn fette groun.

J' ûntnamen dy't ús fijân wier, syn kroan,
Jins tsjerke ûntkaem út strûp en tsjustre bannen;
Do svewe ús sang oer tierich-blide lannen,
Fornoegje yn 't rea fen prieljend-jonge moarn.

Jins is de dei mei kleare himelpracht,
It Ijocht dat wy as willetynge priizje;
En as by nacht de stille stijren riizje
Den búgje w' ús by bloeijen fen Jins macht.

Tink, God, tink oan de dieden fen alear,
Do't J' ús 't geniet fen hege redden joegen,
Do't J' ús út wé en hirde tsjinstbrems droegen;
Do wier 't ús goed, deun oan Jins herte o Hear!

Lit dochs dit skaei dat heech syn hoarnen set
De siele fen Jins toarteldou net nimme;
O harkje nei ús neare en drôve stimme,
Forjut de hoop fen Jou gemeinte net.

Tink oan Jins ied oan hillich-sein forboun
Wy drage dochs Jins teiken oan ús hollen:
Gean dochs to kear ús haters wrede wollen;
't Gewelt stapt yn 'e broerskipswirden roun.

Jow, machtich God, wer 't Ijocht fen maitiidsdei,
Fen fredeliet yn 't Evangeljériizen,
Fen herte-nju yn 't Jo folstannich priizjen
En nolke sang op blankbistriele wei.

Riizje op o God, for ús en eigen saek,
Forbrek 't gehún en de aksel fen fen dy sotten,
Hjar hege waen, hjar Krús- en Kroanbispotten
Bitoan oan 't sterk en wieldrich skaei de wraek.

Forjit it lûd fen Jins forhúnders net!
It stiigt mei krêft fen stridersmoed nei boppen:
Wy skûlje wei yn smelle en dûnkre gloppen,
O bring den rûmte en blidens op 't gebet!

A. M. WYBENGA.

WRAK.

„Liket op neat”. Goarrelt seach út tûke-gerniers-hichte del op 'e beide meagere hokkelinkjes, dy't op 'e keale greide omskrechten om de âlde rûchte en de earste sprûtsjes op to skarreljen. „Hwet bin it skroetsjes. Mar dat is eigen skild. Mei strie foerre bisten krije ek striëne bonken, dy't gjin wynpûst forneare kinne. Hja binne de hiele simmer efterop. Och hwet binne se ribskjin. Den sjugge mines der al oars út. Glêd as in spiegel; myn wiif kin der de inûlse wol by opsette. Dy wol 'k daliks ek net fen 'e stâl ôf ha. It Aprilwaer kin sa rimpfen omslaen, de snieflokken kin yen de earen yet wolris sûzje litte. Lokkich haw ik yette hea by de rûs. Mar ik haw ek op myn saken past. Dat moatte jy. Den kin jy ek op woldijen tidigje, en oars giet it earslings.”

Mei dizze skoandere tinzen, dy't er yn himsels bimûlke, stie de man nei bûrmans jongbisten to loerkjen. Hy koe dêr hast net by wei komme. It wier iterstiid, der mocht gjin tiid forloddermûze wirde, de iene foet hied er rjucht op hûs yn, mar de oare like net mei to wollen, dy stie yette dwers, en syn lea hiene in hâlding skeanwei twisken rjucht en dwers yn. Hy koe him oer syn skoandere forlikenis hast net sêd tinke.

Dêr kaem greate Rommert de oare wâl lâns panderjen.

„Ha jy 't ek al heard, jou bûrman Gurbe is oer 'e kop! It spil is niiskreksa opskreaun. It moat der bryk foarsteaan.”

Goarrelt leaude it mar heal. Dat kaem him dochs oer 't mot. It moast der yet wolris in kear fen komme, grif ja, mar nou al! Scoene hja Rommert hwet op 'e mouwe spjelde hawwe?

„Hwet sizze jy dêr? Witte jy dat sekuer?”

„'k Scoe 't al tinke. Do't ik sa pas by him yn 'e skûrre kaem, hat er it my sels forteld. It hiele spil giet nei Parimariibo, in heal slach om 'e wrâld” sei er.

„Dos den maljage hy der ek yet om. Hy scil der wol net folle mei to dwaen hawwe, it wirdt altiten mei grappen bilein”.

„Ik leau dochs det hy der wol mei to dwaen hat. Mar dat bidobbet er mei in kwinkslach. It bigreatet my om de man. En om syn hûshâlding. Earm wyfke en beukerkes fen berntsjes. En 't wier ek syn âlders erf yette.”

Goarrelt koe dat sa net rjucht meistimme. Hy makke der fen: „Hwet scil men sizze? Hy hat de hiele boel troch de ruten smiten. Hy hat altiten in skeanen ien west. Ha jy ea witten hwet jy fen him tinke moasten?”

Dat gyng Rommert stûfernôch. Ho graech er in nijtsje fortelle mocht, en dêrom hie hy dit stik nou ek oan Goarrelt oerbrocht, oan de oare kant moast er fen dizze man syn ynklauskens en in oar min meisjen ek neat hawwe. „Ik tink, hy wier net for gernier yn 'e widzelein, En syn heit-en-dy hawwe it ienlingssoantsje rom benôch bôd jown. Oan syn tweintichste jier ta oars net folle dien as skiepmelken en omdideldeintsjen en do hastich oan 't wiif. My tinkt, hy hat net in min karakter en ek in goed forstân.”

„Dy't net in min karakter hat, scil in oar der net for oannimme, en dy't in goed forstân hat, moat dat mar brûke”, gyng Goarrelt dêr tsjin yn. „Is 't gjin eigen skild det er nei de bidelte truzelet?”

„'t Moeit my dochs, en bigreatet my ek. Mar dy't it goed giet, is in gnappe keardel en ien dy't tsjînwyn hat, is ta weismiten keard”, en dêr sakke Rommert mei ôf.

Goarrelt prottele yet hwet nei fen oan 'e hoasbannen ta der troch gean en sokke ljue hjar wâl ophâlde, mar de oare wier bûten skot.

Yn prakkesaesjes wei gyng er op hûs ta; syn greate romme stjelp dy't er nêis in pear jier sette litten hie laei dêr wol sa foardielich mids yn 'e kabel.

— Nou, lit it Rommert moeije, my net. Hy hat my ek wolris dwarse kneppelslein. Gurbe wier altiten Pytsje de foarste; by 't dossen en 't klimmen, by tipeljen en aeisiikjen. Elts syn bar. Gurbe do, hy nou. Dy't it lêste laket..... Gurbe syn brike setten kinne him nou wolris wer opbrekke. Hy hat syn tiid forboarte. Ik moast altiten

poat-oan, en dêrfoar haw ik den nou de bocht om de earmtakke.

Dat iene, dat stekt my altiten. Mar Grytsje, it is goed, detstû my net ha woeste. Nou bist mei him op reapsein, nou kinst op de bonkjes omgnauwe. Gurbe koe him folle better by de frouljue rôdde, hy koe prate, hy koe swetse, en dat waerd achtslein; mar my dy't arbeidzje koe en woe, stiekst de gek oan. Hwerom? Omdet ik my net rjucht by 't jongfolk rôdde koe. En do't hja Griet mei de Deune pleagen, makke hja it út. Nou sit de Deune der goed by en de Rije giet nei Gichem! —

Gurbe siet nei hjeljounstiid op in omkearde lynkoekbak, twa fen syn berntsjes boarten mei in keppeltsje hoannefearren, en hysels song it heechste liet. Der wier ommers yet safolle goeds op ús ierde. De dei wier sa moai west, kostlik Aprilwaer, it sintsje mei in myld kleureforskaet oer 'e fiere maitiidlânnen nei de rêt reizge; de berntsjes wieren sa flink en sa frisk, hiene kleuren as bellefleuren, folle moajer as dy fen Goarrelt, dy't it selde soarte binepene gesichtsjes hiene as hijar faer.

Dy jildlike klap, dat wier in min ding, en it moeide him det in oar der for bliede moast, mar it wieren meast ljue dy't der gjin boltsje minder om hoechden to iten, müglik koe hy nei forrin fen tiid, as de bern greater wieren wol wer folstein lyk man wirde.

Mar hy hie safolle memoarjes wol, det er it himsels foarsmiet: ho bistû sa yn 'e bidelte rekke, en dat yn in tiid det in oar by de wâl opkladdert?

Syn liet bigoun to sakjen en hy forfoel yn opdjipjend gemimer, en fen alles kaem him hjirmei yn 't sin.

Hy seach wer syn bernejerren mei bernetier en bernestreken. Dat wieren syn goudene dagen west. Al den dei al wer oan boartsje en yetris boartsje en yen oars nearne om bikroadzje. Hy bigoun him nou to bigripen hwerom hy altiten sa op 'e helte hingjen bleau. It wier him wolris foar de foetten goaid: dû kinst wol moai bigjinne, mar it ein kinst' net fine. Dêr lake er den hwet om.

— Wol sa goed as mei loaije Japik, sei er den. Dat is in oerribeld bêste arbeider, mar hy kin nea oan 'e gleed komme.

En mei soksoarte riddenaesjes koed er de boel der himnegoaije as 't net omfoech bûterje woe.

Sims scoe it hird wêze. Moarns trije ûre hied er de klompen al om 'e hakken en stiek de sinne in loege ôf, mar in pear dagen letter

kaem er ek wer in pear ûre letter op 't aljemint. Hy forbylde him den, det syn lea dat krebûstige net lije woene.

En mids op 'e dei laei er yn 't fjild to dreamen en seach Gods hege wolkens dy't ljocht fen blounens de himel bisylden efternei mei wûnder heimwé, den hearde er de gouden tierelier fen Ijurkeblidens, den sveven syn tinzen nei hege fiersten. En hy juble mei, âlde en nije lieten sylden oan yn syn herte, en foardrachten dêr't er fen jongs ôf oan safolle fen hâlden hie en yn foarkaem fen wolkens en stijrren en feinten fol krêft en fammen fol ljochte wille, jubelen yn syn tinzen om.

Yn dyselde tiid hie Goarrelt in pear wudzen hea by eltsoar sleep.

Grif, it libben is gjin dream en gjin poëzije, mar skrippen en prakkesejarjen en bitûft wêzen, mei de boksen opstrûpt, den kom jy foarút en de minsken sizze: tûke keardel, hwent hja freegje net hwetstû biste, mar ho swier dyn pong is. En hy tocht it mei bittrens. Mei wjeraksel aan de jounen do't hy foardroech en makker bi-hantsjeklapt wier.

Dêr kaem him hwet oars yn 't sin. 't Wier fen 't gelove. En 't Godsbijsjûr. It wier him altiten fen fierrens bleaun. Hy mocht der yn tsjerke fen hearre, hy mocht der sang en dicht fen witte, it wieren bylden, dy't bûten him wennen, wol yn pracht fen skientme, mar net as eat libjends, eat goudens dat de minske ta ienige treast is yn libben en stijrren.

Ienige treast! Treast, ek nou't er yn 'e bidelte rekke wier, en it spil om skild foart moast. Hy doarst der hast net ta komme. Mar wier 't net ornearre for sûndaers, for swalkers, for dy't nei ûnderen tûmele wieren?

't Koe net misse: de ienige treast sloech op ûneinich heger goed as hwet er hjir op ierde forspile hie. Sa hied er mei syn lichte floddermatûr safolleslo minder wraksel om hjir mei blidens de hân nei út to stekken.

„Heit“, lytse Klaske kaem deun by him, „nou hat Pytsje my al myn fearkes ûntnadere“.

„Dat is gjin spil, mei-inoar libje, mei-inoar sjonge; wol Pytsje hjir wolris komme?“

‘t Fanke kaem skoarjenderwize.

„Nou heit mar gau in tút jaen en Klaske de fearren, de wrâld moat uzes mei-inoar wêze, den hawwe wy de measte wille.“

Mar Pytsje woe dêr dochs tsjin ynlizze. „Heit ik haw se allinne socht. 't Bin earlik mines. Klaske griemde mar hwet om do't ik se yn 'e blikke opfandele”.

„Ik scoe sizze, mar gjin getsier mear, en mar moai mei-inoar boardsje. 't Kin nou yet lije, letter scil 't wol minder wirde”. Dizze lêste filosofy wier mear for himsels as for syn kroast bistimd. Mar Pytsje hjar wirden bleauwen dochs by him hingjen. As hja se allinnich opfandele hie, den wieren 't hjarres ek. Wier 't himsels folle oars gien? Wylst hy de tiid fordreamde, hie in oar de sinten by-inoar fandele.. Skildich oan eigen ûndergang! Scoe 't sa net sitte?

En den dat fen in oar der for oannimme!

Mocht hy sa wol oer 'e ienige treast him forhúgje? Hy arbeide der langer mei om as er wend wier om oer in ding to tinken. It grimere him.

Mar hwet scoe den nou fen him frege wirde? Dêr wist er andert op. Godsbitrouwen, neat oars waerd fen him easke. As God ha woe det hy dizze wei lâns moast, den scoed er him lâns. „O God, jow my moed en krêft om de hinnen wer út to stekken, yn de earste pleats for wiif en bern.”

Do't Griet binijd yn 't hok kaem om to sjen, hwêrt de man sa lang bleau, hâlde hja hjar biskrobbing, dy't se oars al in pear kear yn hjar sels opsein hie, stil binefter. Der wier bysûndere fêstens yn syn hâlding en wirden komd, eat dêr't hja al lang nei útsjoen hie, hwent de klimmerbeam siket om stevige mûrre; en dat hie in rêtige ynwirking op hjar moed.

„Ik scoe graech in nij libben bigjinne; help my dêrta”, sei er, yn 't witten fen swakkens.

Der wier tankbrens yn hjar each. „Myn jonge”, sei se en der wier wer in ljocht fen de âlde ljeafde yn hjar eagen. Hwent hja hold fen him, ek mei al syn lekken en brekken bleau hy hjar dierber.

Dyselde jouns waerd by de trochreed it gefal wiidweidich bispritsen, elts fen 'e doarpsljue diste in steal op fen Gurbe syn forsleukjen en der wieren forskate Goarrelten en mar in bytsje Rommerten by.

FETSE GREIDEMA.

Provinsjale Steaten jowe ta de ûnkosten hjirfen jierliks de som fen 500 goune, en sa is de gelegenheit iepen om ús tael foart to sterkjen, en it tael- en folksbisef to forheegjen.

Wol hat yn 'e lêste tiid it wird *Bisunigjen* safolle fet op 'e herten fen inkelde Steateleden krike det hja dizze subsydzje ôfskaffe woene, mar lokkich hat de mearderheit ús tael de hân boppe de holle hâlden en bliuwt it lyk it oant nou ta wier. It hat my moeit det sa'n bytsje leden fen Rjuchts de wierheit fen mr. Gerbrandy syn warden bigrep- pen hawwe, dat ynhâlding fen dizze subsydzje for it Fryske folk in slach yn eigen antlit wêze scoe, mar dochs bin ik bliid det wy forearst noch feilich wêze kinne. 't Skynt det dy Rjuchtse Steate- leden net bigripe kinne, det dêr't gijn tael is, ek gjin folk ta ûntjow- wing komme kin. Ef scoene hja al sa forhollandere wêze det hja hjar Frieswêzen weimjuksje?

Wy for ús scille ús mar stil by ús âlde tael hâlde, en yn hjirop folgjende lessen it spraekkinstige diel dêrfen bihannelje.

SNEUPER.

Boeketafel.

It Heitelân, Algemien Fryske Wykblêd, *Krystnâmer* 1923. Utjowers: Brandenburgh, Bosma & Co. Snits. (Priis 40 sinteren).

Dit wykblêd, ûnder lieding fen R. W. Canne, J. J. Hof, O. H. Sytstra en J. Winkelman komt for de trêdde kear mei in Krystnâmer út. Forskate printsjes en 3 Plaetbylagen sierje dizze útfjette op. Der binne ek in pear sketskes by út Noard-Fryslân, dy't men mei wille bisjucht.

Fen de stikken binne to neamen: fen B. in libbensbiskriuwing fen Ingwer Paulse, de Noard-Fryske kistner; fen Dr. Wumkes in biografy fen Wopke Eekhoff, de archivaris fen Ljouwert, frjeon fen de Fryksinnige Jhr. Idsert Aebinga fen Humalda; it Krystteltsje fen Brolsma, dy't lykwols wolris mei better wirk oan 'e merk west hat.

Min slagge liket my it toanielstik fen Canne ta. In jonge widdow hat lêst fen it krassen fen in âld roek, dêr't hja de geast fen hjar forstoarne man mei mank achtet. Lykwol hjar frijer, dy't earst gnap ûnhandich op it toaniel komt, mar dy't op syn dré rekket as hy de spiritistyske kuren mei in floed fen wiislykjende warden bitûmelt, helpt hjar út 'e lytse loege.

Fierders koartgûd, dat men lêst en.... wer forjit.

As printwirk for de Utjowers in eare.

A. W.

**Ta de neitins fen myn mem Janke Jans
Elzenga, berne to Blye 17 Aug. 1847, stoarn
to Nijewier 3 Febr. 1924.**

'k Siet by de tafel to arbeidzjen for ús tiidskrift. De stiltme fen midsnacht wier om my hinne en it lampeljocht wier timpre de kant nei de sike út.

Do waerd hja biweechlik.

„Moat mem wer hwet drinken hawwe?”

„Ja, in bytsje; mar ik scil 't dy nou ek sizze”.

Wy hiene it hjar sein det sy der net wer fen boppe op komme scoe, en hja fielde it oan hjar sels ek wol.

„As ik der net mear bin, den bliuwt alles for jimme oer; alles hwet wy biskript ha, en dû kinst der mei dwaen lyk it dy it bêste taliket. Mar de âldste fen jimm' famkes, myn genamt, dy moat dat erfstik út ús femylje ha. Dat is fen 't hiel foarige. Dat is fen namme op namme gien; dat moat yn 'e femylje bliuwe, it is echt; as it net heech, heech nedich is, den moatst it net forkeapje. En jim oare, dû witst wol hwet der mear is, dêr kinst wol hwet geskikst for krike ta oantinken oan beppe”.

Ik wist wol det hja ridlik gau stjerre moast, mar ho sear dych my dat: as ik der net mear bin. Ik biloafde it sa't hja my it foarsei.

„En tige om heit tinke, dû witst ho't it mei him is”.
Hwet moast it hjar oangean, hja hime om 'e siken.

Hja hie altiten sa oan dat erfstik hongan, nou droech hja it oer.

It skrokte my yn 'e kiel op, en gyng mar wer sitten.

Dochs moast ik wer oerein. „Is nou alles goed, mem?”

„Ja, alles Mei dy ek?”

„Mem, wy hoopje inoar wer to sjen. Hjirboppe”.

„Nou kin ik my hielendal oerjaen. Om heit tinke, hear”.

„Ja mem”.

Ynein fen 't praten bleau hja efkes lizzen. „En nou yet in bytsje drinken, — sa, — ja en it kêssen efkes op-skodzje — goed, — nou kin ik my sa gerêst deljaen”.

It waerd my sa bjuster yn 'e kiel, en myn eagen — Mei in man fen fjirtich jier wol skrieme? Mar in fjirtiger is ek in bern, in bern fen syn mem.

It klokje tikke syn stille tiktak en it lampeljocht wier timpre nei it ledikant út. Ik siet wer by de tafel, mar skriuwe koe ik net mear.

Hja is in deimannich letter forstoarn, mar dy nachts hiene wy al ôfskie nommen.

A. M. WYBENGA.

trochstried fen Jins lyknis, do songen de moarnsstirren Jins wündre folsteinens en júchten Jins ingels yn 't foarstlike klaed.

Al foelen ek Adam en Eva yn sünden fen Satan, híj siedde yn 't heechwollend hert, de macht fen it spreken en 't ljocht to biloatsjen úntnamen Jy de earme fordwaelden dochs net.

Oant hjoed noch de dei is de minske it wird jown, in macht út syn siele, in utring fen 't wézen, in wjerlûd fen 't Godlike wurd.

Yn ús heimwé nei 't wird is neihuver fen 't Keninklik spreken, yn ús longrjen nei 't Ljocht is de rizing fen 't Blanke út Al-ierde's bigjin.

Yn Jins wird witt' wy de wirkung fen 't machtige Wird dat by Jo wier fen 't Bigjin, fen de dagen der Ivichheit ôf, dat Jins wézen en Godheit yn follens bisisit. Yn dat Wird oanbidde wy ús Heilân, 't ús riizjende Ljocht, de Opgang út Hegere sfearen, ús Treast en ús Blidens. Wy meije wer bidde lyk berntsjes de Heit freegje om de jeftén dy't strielje yn de utring fen siel yn 'e tale, blinke yn 'e glâns fen in Sinne, dy't heech aan Jins himel gollens fen gloede ús skynt yn 'e herten.

Wy oanbidde Jo, Dy't de Hege en de Majesteit binne, Dy't ús toane 't forbân twisken Jins spreken en 't Wird, twisken tsjuster-fordriuwen en 't Ljocht yn ús siel.

Sa is ús tael it lûd fen de Hillige dy't Jy fiergesicht joegen op ivige hichten.

It wird: wy búgje.

It ljocht: wy strielje.

De Heilân: wy jublje fen blidens it út.

A. M. WYBENGA.

Ut 'e Boarterstiid.

II.

„Scille wy earst ris op it eilântsje sjen?” sei Jan, „dêr stiet sa'n moai tropke beammen”. Dat like de oaren goed ta en Jelle liet it boatsje sa linich swinke det it krekt op it pôltsje oankaem.

Mei elkoar setten se nou op in stik ef tsien, toalve beammen ta dy't oan dizz' kant fen 't eilântsje stiene, en dêr't in stikmannich

Wird en Ljocht.

En God sei: Lit der ljocht wêze! en der
wier ljocht.
Gen. 1 : 3.

Híj búgje ik my del by de wündrens fen Jins willen, by de wizens fen Jins biskikken, o Heit yn 'e himel, Dy't de ierde bistrielet, Dy't it wird sprekt mei macht en de tsjusterens fordriket.

Jy skoopen de stiltme yn híj réstige djipten en de Ivichheit wier as in nachtweits for Jo.

Mar de Ivichheit wier net sa hearlik as de Ivige, net sa yn wézen fen sterkens as Jo.

Do stjürden Jy it Godlike Wird lâns de sfearen; en ierde en himel riisde op yn 't Bigjin.

Jy binne de Heit fen de Tiid yn syn gollens, de skepper fen weakjende wetters binn' Jy.

Do wier it Jou winsk nei de ein fen it Tsjuster, dat ierde en wrâlden mei dompnens omsleat. En de útspritsen tins fen Jins Godlike willen wier 't wird. En Jins wird wier yn de wide romten, briek troch de stiltme fen 't Hielal, en it wier blyk fen Jins hillige Macht.

Jins willen wier de Macht oer de tsjustrrens, Jins wird wier de rizing fen 't glângjende ljocht. Híj is de ginst for it skepsel, ear't it bistic, híj is it heil for de stjériling ear't er libbe.

En it wird wier mei Majesteit, heech en keninklik

Syn foarm wier yn sterkens, syn ynhâld yn rykdom en wielde.
Lit der ljocht wêze.

Ljocht, hearlike blankens, dêr't Jy fen seagen det it goed wier, dat Jy seingen mei wierheit en klearens. Klearens fen ljochtbondel oer dampjende wetters. Dy't aenstouns de flûnker fen diamant en de skittering fen goud fier oerswevet. Dy't yn reinbôge-hearlikens it ierdryk oersprielet.

Dat wier Jins biskikken, 't wier der, en 't scoe der sa wéze lâns ieuwen en tiden, de fûnkels fen sinne en wieldrige stijren, wearkeatsend syn blierens yn 't minsklike sjen.

En do't Jy de minske híj plantten, bidield mei Jins byld en

scoene se likefolle fêstrinne, hwent yn dy smelle feart koene se foarfêst lang sa hird net as de boer mei syn sloepke.

Wirdt foartset.

Fryske saken.

Yn Amsterdam hat it Kristlik Sjongkoar „Fier fen Hûs”, ôfdieling fen „It Heitelân”, ús Amsterdamske krite, iepenbiere útfiering jown Woansdei 8 Febrewaris, dy’t prachtich slagge is. Bynammen it sjongen fen ’e soliste dy’t It blomke: Tink-oan-my, Gods greatheit, Bitrouwen op God en Oan ’e séwâl foarbrocht, wieren hichtepunten fen ’e joun, det de folle seal út ’e skroeven fen biwûndering wier. It tekstoekje, trochfrissele mei pittige spreuken fen ús foaroannen is in woldied for it Fryske hert.

Yn Tsjommearum spriek it Haedbistjûrslid Visser oer ’e Fryske striid. In nije krite wier ’t gefolch. Det se dêr yn ’e Bjirmen it Fryske libben forsterkje meije.

Yn Nijemaddum fierden de feinten feest yn ’t Frysk. Do kaem yn ’e krante it birjucht det de minsken it net forstean koene. Kin ’t briker?

Dominy Schilder wol der op oan det der net yn ’t Frysk preke wirde moat, om’t de ienheit den forbritsen wirdt. Man, hwerfen? Der bistiet ommers gjin ienheit. Easkje den skoalle, rjuchtseal en gemeintehûs ek op for ’t Frysk, seit er.

En dat hawwe wy nou al jierren en jierren dien! —

„Frisia”, dat forline jier ien fen ’e slop-oandracieidste toanielstikken fen Kalma joech, is nou yn hadden fen de Foriening „De Fryske Bibleek”, stiet yn ’t Foarwird fen it nijste nûmer, en is ûnder bistjûr komd fen J. Brouwer, D. Kalma en F. Schurer. Dochs glêd in aerdichheit, alle jierren in nije redaksje, en ek altyd deselde man oan ’t roer.

Dy Fryske Bibleek wol it goede dat op Frysk-Skriftekindich gebiet skreaun wirdt, útjaen; it Tiidskrift *Frisia* is hjar fêst moanne-skrift. Op ’t omslach stiet: it doel fen de Bibleek is sa det eltse Fries, dy’t de eare fen syn tael nei is, it stypje kin. Lit gjin lytse foaroardielen jim fen it goede wirk ôfhâlde! Arbeidzje der allegearre

ta mei, det hiel Fryslân mear en mear efter de Bibletek komt to stean!

Lit my hjir rounút sizze, det de foaroanmannen yn it Christlik selskip tige biswier hawwe om dizze úndernimming to stypjen. Tael kin op himsels in foarm neamd wirde, dochs lit him nea it wird tinke súnder ynhâld. En in ynhâld dy't net strykt mei it Wird fen God, mei ús âlde Bibel, kin ús nea haegje, scil ús faken tsjinstean, al scoe de foarm ek noch sa kein en fyn bislipe en in lust fen uterlike skientme wêze.

Alle bisiikjen ta soks scil op mislearring ef op forknoeijing fen eigen bigjinsel útrinne. Net it nasjonaliteitsbisef, net de skientme-bistrieling, mar de geastlike weardearring fen de ivige dingen, de skôging oer God en wrâld en minske bislist oer de sielebisibbens. Lit dêrom eltse rjuchting, yn it witten fen dy grote skied, syn eigen wei gean; den haw wy de measte wille mei elkoar.

F. S. hat yn *Frisia* in skôging oer *Wy allegearre*. Hy seit dêrfen: De eigen tobritsenheit, de folseine oerjefte oan Kristus dy't de wei is, de Wierheit en it Libben siker men by dizze figuren om 'e nocht. En dochs is hjir, neffens S., jimmer fortreatsgjende liryk.

Lit my freegje: kin men fortreatge wirde en skientme fen it wird ljeavje, as de Wiere Treast yn libjen en stjerren yen ûnthâlden wirdt en mei de Heechste skientme dy't út God is net rekkene wirdt? —

B., dy't yn 'e Ljouwerter krante de fryske skriften gewoanlik goed waerdearje kin, mient det ik mei God to freegjen om wraek oer 't wieldrich skaai dat de Christus forhunet, mear âld-Joadsk den Christlik bin. En Paulus den dy't dizze werden delskriuwt: As immen de Heare Jezus net ljeavet, oer him de flok? —

Ut „It Heitelân” blykt alle wiken wer op 'e nij, det it Selskip fen 1844 yette springlibben is. De mannen dy't dêr oan't roer steane, binne noch lang net ta weismiten keard. Stiet alles net like heech út eachpunkt fen kinst, men kin dochs oan in hopen stikken merke, dat se yn 't Fryske tige thús binne. —

By alle leed det oer 'e Christenfryske herten weaget, by alle wirk dat foar ús hannen opheappet — Folkertsma, de Tsjûger, swijt.

A. M. WYBENGA.

EVANGEELJE.

Blank Ijochtsjen dat yn tiidne rin
 It gouden lok fen 't krús ús leart,
 Ho ha 'k my nei dyn blidens keard
 Mei hope-oerlottre maitiidssin!
 Ho fielt hjar by dat hillich krús
 Myn sleine siele sillich thús.

It wier m' in riizjend fisioen
 In wierheit fen in keningsliet;
 'k Ha mei in triljend hertsgeniet
 De follens fen myn Jezus sjoen.
 Do joech ik, fen dat lok oerstjûr
 My gânsklik oan myn Heilân oer.

En jimmer sjuch ik longrijend út
 Nei Jezus Dy't Syn berntsjes laet
 Lâns Ijochte wei en dûnker paed;
 Ik draech myn siele heech ta bút;
 En yn it iedske dizegea
 Stean 'k blank fen himelsk dagerea.

Myn siele tilt nei Jezus op,
 Myn Heilân, heech fen Majestiteit,
 Dy't tear my syn genede seit
 En 'k folgje goede Harders rop.
 Ik wit de fredë yn 't hillich bloed,
 Dat is my sillich, ryk en goed.

W.

MELODIJE.

(Oersetting).

It wier al let wirden, do't hja wer nei hûs gyngen.

't Lêste Ijocht fen 'e ûndergeande sinne barnde op 'e ruten fen
 in pear pleatsen fierôf, en it siet heech op 'e toer fen it doarp dêr't
 hja lâns kamen. To'n earsten bleauwen hja yette op 'e strjitwei.
 't Wier dêr drok mei fyters en alderhande riderij. Dêr wier laits en
 floit en liet fen Pinksterfeestsjende minsken. As hja mei in toarntsje
 ôfbûgden, en mids yn 'e greidlannen kamen op 'e giele grintwei,

wier de sinne al wei. De joun laei stil oer 'e swijgende fjilden útrôle. Thys seach de earste stjirren. Efter bilune de drokte. Hja hearden noch in forwidere sang, en earne it doffe toeterjen fen in auto. Yn 'e fierte sloech in houn oan.

Do wier it stil en rekken hja hielendal yn 'e iensumens fen 'e greiden. Hja waerden fen 'e wâlm fen de ierde trochlitsen. Hja ammen it wêzen fen 'e jountiid yn. De moanne teach by de kimen wei, en stiek it iepene himelfjild yn.

Thys suchte. Unwittend-wei en dreambidwelme lei er syn earm om Titia. Hja ek, súnder biseffen, hong séft tsjin syn skouder oan. Sa rieden hja stadich foart, yn ûnwitten lok. O, dy wûndre wrâld yn dizze wieldrige simmerjoune, Fryslân yn 't Ijocht fen 'e fol-woeksene moanne! Der roun in man op in plak lân, hy wier bidest, en waerd wei yn 'e skimer — en ûnbineambre skientme wânle mei him, de nacht yn. Der stie in hynsder by in hikke ûnforweechlik — om dat dûnkre dier hinne wier it djipste wêzen fen 'e moannenacht taestber. Oan de horisont grimeren Ijochtsjes troch de dauwe hinne — Thys fielde ho wiid de nachtslommer wier. Earne fierôf floite in trein — en de macht fen 'e ûnmjîltlike romte kaem oer him. Suver wyt Ijocht teach om 'e pleatsen, dy't as dûnkre blokken hjar opjoegen; stil en heechkrunich stiene de beammen tsjin de bloune nachtloft oan.

„O Titia”, suchte Thys, „dit is 't hillichdom fen de ierde. Wûnder wirdt oan wûnder tafoege”.

Hy seach nei omhegen. En sjuch, de stjirren! Untsachlik; heech-wûnderlik. De stjirren yn 'e Ijochtwide simmernacht. Great, boppe tinken. Der gyng in triljen oer 'e sfearen fen de brân fen dy machtige sinnen, yn reek en damp toraende de lytsens fen 'e minske. Weltige wrâlden weven hjar wûnders. Wrâlden fen Ijocht en romte. Koe de minske it mei nammen neame? Grif, alle talen sprieken fen it ûnwittene, mar hwet wieren it oars as idele klangen! Hwa wist de groun fen it Ijocht? Hwa mirk de wei dêr't it Ijocht him fordiele? Wirden bleauen it, werden. De wyn tyspele hjar gear oer de ierde, en hja draeuwen gjelt nei de bidelen. Gjin wird stiget nei it alder-heechste. De stjirren! O, hja rôpen yn 'e siel de wide stille langstmen op.

Thys seach yn 't earstoan mar in inkeld. Mar der kamen mear by, hieltyd mear. In sé fen flûnker. Ho mear't er seach, ho djipper syn

eagetins de himeldjipten ynkrong, ho strieljender hy him field, dûzelich fen hearlikheit. Hy skildere Titia (de bline faem), de stjirren út yn hjar hegens. Hy neamde de nammen fen de stjirrebylden dy't er wist, reizge mei hjar de loften lâns oan 'e suderhimelta. Alles hwet er oer dizze Ijochtwidens lêzen hie, neamde er hjar op.

Do't er einlings útpraet wier, fielde it him oan eft er optild waerd en lâns de widens dreau. Yn 'e rêch lynjend tsjin de tilbry oan, libbe der in wûndre nocth yn him. As sweevjen wier 't. Eft er los fen de ierde worden wier. Sa hong er, en dreamde, ûnder de eagen fen dat ivige mystearje.

Einlings joech er him wer op. Hy fornaem Titia wer, nêst him. Hy seach de ierde wer, yn hjar skientmen. Hy glimke. Sêftkens sette er yn, wylst Titia optslach twade stîm mei nûndre:

O hert, do scilst' it nea dôch sjen
Hwerst' ivich langst nei hast':
Wêz' stil den, hert, wêz' stil myn bern,
Dyn lok leit yn dyn rêt!

Do sweijen hja.

En yn 'e stiltme dy't ûnforbritsen en follein om hjar hinne stie, briek hommels de klanking iepen, klear en sonoar, fen slaggen út in tichtbije toer. Thys telde se lâns. 't Lûd dreau breed alle kanten út, do't it útklonken wier, like de stiltje ûneindich fordjippe. Thys grilde der fen. Hy draeide him nei it mânske stal fen 'e toer ta en lûstere: Fakkels geane der út syn mûle . . . o nacht! o simmer!

Nou tichte by Mare Sathe komd, gyng hjar paed fen 'e hirde wei ôf, en namen hja de reed oer 'e greiden. Thys sprong út 'e tilbry om de hikke op to draeijen, en ek Titia stapte efkes út. Thys krike hjar by de hân, laette Swerver oan 'e team. Sa gyngen hja de greiden yn, by 't suvere Ijocht fen 'e simmermoanne.

Do't hja by in folgende draehikke kamen, boun Thys Swerver dêr oan fêst. 't Wier sa kostlik. Hy scoe dêr de hiele nacht bliuwe wolle.

En sa togearre, yn 'e greate stiltme, kuijeren hja der roun, Thys en Titia, hân oan hân, twisken de sliepende blommen fen it nachtlik bidauwe brilloftsgrien. En yn hjar herten bigoun dêr do to libjen dat waerme Ijocht der Ijochten — iepene him it machtige wûnder fen it ûntjaen fen de earste Ijleafde.

As bûten him om hearde Thys himsels sizzen:
„Titia!”

En as er mei iens hjar nei him tahelle, aksele hja neat tsjin. Hja beve sêftkes yn syn earmen.

„Titia!” sei er yetteris.

Hjar siken kamen djipper wei.

Den hommels syn beide hannen om hjar holke hinne, ljuente hy:
„Titia! . . . hast it wol witten?”

Efkес stie hja ûnforweechlik. Den treau hja hjar kopke deun tsjin syn boarst oan. Hjar earmen om him hinne.

Thys trille it út.

Do sloech er hjar de hannen wer om 'e hals, det hja de holle nei him tahâlde moast. Hy patte hjar. Hjar lippen, hjar wangen, hjar eagen.

Hja liet him gewirde, yn great lok. Do yn hillich deun by eltsaar wêzen wieren hjar sielen fol wûndere stiltme.

Do sei Thys yn-ienen, hjar sêftkes aeijend, út 'e follens fen syn herte:

„O fanke . . . Nou moast' sjen kinne! . . .”

Hja lei him de hân op 'e mûle, rôd. En hjar oantlit optillend yn 't ljocht fen 'e moanne, glimkend, spriek se, ienfâldich:

„Sjuch ik den net, nou net, myn jonge, by mid!el fen dy?”

O great en ynlik wûnder, tocht er, hja naem my it herte! Fêst treau er hjar tsjin him oan.

En hwennear't er peinzjend noch in eachwink swei, sei se:

„As ik sjen koe . . . scoestû der lokkiger om wêze?”

„O fanke, net for my . . . né, net for my . . .”

En heftiger:

„'k Haw faek bidden . . . detstû ienris . . .”

Hy waerd yninen wûnderlike weak.

„Myn jonge”, sei se mei in licht triljen yn hjar sêfte fammestim,
„'t is my nou sa ljocht!”

En op 'e nij sloech hja de earmen om him hinne.

Thys stie forslein oer syn hillige rykdom. Frjemd, ûntdien — en o, sa sillich! Hy patte hjar wer. Hiel suver, hiel tear.

En hja stiene togeare yn 'e wide wite wite simmernacht.

Ut *Het Ontwaken* fen D. Th. Jaarsma.

A. M. WYBENGA.



Wird en Utwreiding.

Dizze is for dis kear bien fen myn biente en
flêsk fen myn flêsk.
Gen. 2 : 23.

't Goudene ljocht hie de skepping oerstriele, en de loften wieren fol jubel. Blier-forweegjende sparkel fen ljochtteisters yn it dûnkere beamte diich kunde fen de nocht fen 'e djoeijende siichjes, roundtwirjend mids lofsjongend libben. En rouom wier fleur, him uterjend yn 'e floit fen 'e fügels, en yn 'e lûden fen it djier yn tûzentallich hear. Hwent hja fielden yn hjar it ljocht fen it libben, en de krêft om hjar to formannichfâldzjen en de ierde to bidekken mei hjar tal en hjar swidens.

Rykdom fen spize woechs dêr. It krûd wier in woldied fen greatens; sels toarn en stikel wier 't skoanderste iten, en de oerfloed wier blank for de skepsels.

Do brocht God it djier ta Adam de minske, de witter, de sjender fen hearlike djippens, trochgounder fen aerd en fen wêzen. En Adam joech elkmes de namme dy't for him paste.

Heech yn majesteit preale de minske yn 't Godlike hôf, it parradyss yn syn wielde fen skientme. Dêr gyngen se syn eagen foarlâns, de keninklike liuw en it himpene wezelinkje, de greatwoeksene earn en de piipjende reidmosk. En hja bûgden foar him hjar del; mei dimmenens hearden se 't oan as hy hjar neamde yn hjar wêzen.

De minske seach se gean, twa by twa, mantsje en wyfke yn wûndere ienriedigens. Do kaem yn Adam de hillige langstme op. Allegearre wieren se great op elkoarren, der gyng fieling en ynfloed út fen de iene op de oare en it forhege hjar wearde. Mar for de minske wier gjin help as steande foar him oer.

Hy peinzge der oer nei. En hy slipte. —

Priizjend út poarperen poarten gyng de ljochtswide sinne Gods lottre loftwidens yn. Oer 'e gérzen glimke de dauwe yn saunfâldige fûnkels, yn 'e blommewielde wier tûzenfâldich kleurforskaet; mids

de moarnsfrede earte it fé, yn it wâld en oer 't wiid wier de kweeljende laits fen Gods fûgels.

Yn 't parradys, aan 'e seame fen wâld en wetter, by de goudaplige frucht fen 'e libbensbeam, dêr stie hja, de frou, de earste.

Hillich jeugdpearlblank wazeme oer hjar stal, suver fen rizing, folstein yn syn rouningen. Yn hjar each wier de klearens fen it himelblau, de dûnkere fjildfioel miste dy djippens; en it leavige krûd wier net sa suver as hjar wielderich hier.

Oer hjar wier de lyknis fen 'e man, mar yn myldere foarmen, en mei it ûnithjit fen fruchtbrens om de ierde to oerdekkken mei de bern út hjar skerte. Hillich wier hja en rein yn hjar prieljende skientme.

Sa seach Adam hjar.

En by de neitins aan hwet er mist hie, riisde de tank yn it opteine wird: dizze is for diskear! Foarige kearen wier net kommen hwer't er nei lange, mar for diskear in Keninginne for de Kening!

Bien fen myn biente en flêsk fen myn flêsk!

Hy fielde it wirk fen de Almachtige, dy't yn syn sliep út in diel fen himsels de frou skoepen hie; hy wist, hja scoe wêze syn oanhâld en ljeafde, dêr't hy oan sizze koe syn hert en syn djippens, dêr't hy mei forhearlikje koe Gods heuchlike wirken, dêr't hy mei optein wêze koe oer syn hearlike ierde, en oer 'e himel dy't iepen wier for de tsjinder fen God.

Yette heger riisde de segen. Lyk God sein hie tsjin de libbene skepsels:wêz fruchtber en formannichfâldzje en folje de ierde, lyk Adams each it al den dei barren seach, sa scoe 't ek wêze yn 'e takomst for de minske. It lûd yn syn herte lûstre it him ta, en Gods wird wier yn syn earen: brek út yn mannichten, hearskje oer de ierde, regearje oer fisken en fûgels en fé, oer dieren, lytsen en greateren.

En Adams neiteam mei it fornemme: lyk yn it earste wird, dat út Gods mûle for ús opteikene waerd yn 'e Hillige Skrift: der mei ljocht wêze, de takomst fen al it ierdske bistean bisletten is, sa is yn it earste minskewird: bien fen myn biente en flêsk fen myn flêsk, it riizjende ljocht oer de takomst fen al it minskebistean.

A. M. WYBENGA.

Blidens yn God.

Nei Psalm 75.

Jo allinnich loovje wy,
 Jo ús bliid en heech úntwyk;
 Yn Jins Namme, great en ryk
 Gean we ús wegen rjucht en frij;
 En wy jublje op romme baen
 Al Jins hillich wûnderwaen.

As myn siel de hegens fielt
 Dy't Jins wird en wet my leart
 Gean ik, yn myn ropping great
 't Paed, dat fen Jou ljochtens striel't.
 Bôge en pylder skoarje ik fêst:
 Godlik hûs stiet blank yn rêt.

Wrâldske wizen, stomp en steech
 Romjend yn jim' ierdeskat —
 Tink om 't oardiel, tink om God
 Set jim herte net sa heech;
 Gierje net mei stive hals:
 Ringen blykt jim' wille fals.

Gjin fornuft, gjin liet ef list,
 Dichtersin ef wrâldsfortoan
 Draecht de wiere hegens oan;
 God is Rjuchter: Hy bislist.
 't Stille leauwe yn de livge Soan
 Set ús heech op gloarjetroan.

Folle biker yn syn hân
 Brûzset fen Syn grimewyn:
 Folk en foarsten jiet Er yn;
 Brân en flok giet oer it lân
 Dat mei waen fen wyld gewelt
 Him tsjin heil yn Jezus stelt.

'k Meldzie 't Godswirk yn syn glâns,
 'k Wij myn Heilân 't jubelliet
 Mei in triljend hertsgeniet
 Al myn ierdedagen lâns.
 'k Sjong myn Jezus gloarje ta
 Mei in heech Hallelujah!

Boeketafel.

De Bijzondere Vrijwillige Landstorm, (uitgegeven door de Nationale Landstorm Commissie).

Der giet in foech praetsje. It scoe der ús om to dwaen wêze, in follein selsstânnich Fryslân as ideael to stellen, los fen Hollân. Inkelde uterings fen ús-ljue scoene dêr reden ta jown ha.

Lit ús hjir sizze det wy Fryslân net oars frij winskje as út de bannen fen 'e Hollânske kultuer, det wy for ús tael it plak freege dat eltse tael takomt, to witten, det it hiele libben him yn dy tael uterje scil. Twataligens bistiet net. Hollânsk is oanleard, gjin eigen. It Fryske lân is in apart stik groun, hiel oars as de oare dielen dêrt it Ryk út bistiet. De sünden fen ús foarfaers hawwe ús de folleinen ûnôfhinkelikens ûntsein. Dêrom lizze wy ús der by del, det wy tagelyk mei de oare dielen troch itselde Stadhûs, dat eigenlik it Fryske Stadhûs fen 'e Nassau's is, regearre wirde. Mar wy birêste net yn 'e tastân: yn Fryslân it Hollânsk for it hegere, it Fryske for it minderweardige. Hwent altiten alweroan scil it dêr op útdraeije, as wy ús ideael net heger stelle as de lykbirjuchting fen twa talen for ien minske.

Dit persoanlik wird moast der hjir efkes út.

Yn gjin gefal wolle wy de boel hjir yn 'e bulten jeje. Wy wear-dearje as in grote skat de maetskiplike oarder, en hâlde heech in feste stân fen saken. Révoltusje, al mei it ek in Fries wêze, dy't dy kant útwiist, scil fen uzen mei alle macht tsjinstien wirde. Lâns freedsume wei, lâns de wei fen oertsjûgjen wolle wy ta op ús ideael: Fryslân—Hollân, twa gearstaljende dielen fen it Ryk der Nederlannen.

Salang 't safier yet net is, geane wy graech njunkun de striders for rjucht en gerjuchtingen yn Nederlân stean. En kinne wy ek yn 'e Bysûndere Frijwillige Lânfordigeners in segenrike ynstelling sjen.

Sa goed as men dos tinke kin oer de Frijwillige Fordigeners fen it Ryk, sa min hat my it oan to kundigen boekje foldien. De styl hat folle fen ús goefrjeon Helmers sines do't dy de Hollânske Naesje bidichte. It hiele boekje hat oars gjin aen fen 'e Friezen as det hja sa trou opkamen yn 'e Novimbermist. De Da Costiaenske Bondsgod fen 'e Oranjes komt ek yetris op 'e proppen.

Oer de Fryske Naesje gjin wird.

Mear scil ik der mar net fen sizze.

A. W.

sûpfet, mar o waei en sûpe! dy râne wier to glêd, en Jelle foel yn 'e sûpe.

Pibe dy't de plouns fornaem kaem hird tasetten, om to sjen ho't dit yn syn wirken gyng. En dêr seach er Jelle stean oan 'e mil ta yn 'e sûpe. It fet, dat fol west hie, koe nou de ynhâld net mear forkropje, en de sûpe spelde de hynstestâl lâns.

„Wolstû it efkes yn 'e hûs sizze?” sei Jelle tsjin Pibe, wylst er wer út 'e boaits stapte, „ik kin sa net bêst yn 'e keamer komme”.

Wirdt foartset.

Ljeavjen en folgjen.

Hja stoarren sa stil oer 'e weagen
Bisibbe mei 't wieljende wé,
In dizenich flues foar hjar eagen;
Hja stoarren sa stil oer 'e sé.

En Petrus, de rotsman, wier wrigge,
De slingring forsouke syn hert:
Och binne wy trûrjend oan de igge,
Oan de igge fen teistrjende smert?

En Thomas, de twiivler, de ropper:
Myn Heare, myn Heare en myn God!
Syn herte dreau wei yn 'e dobber,
De draeijing fen weigeande skat.

Nathanaëltocht om it beamte
Dêr't ienris syn Heilân him mirk;
Nou gyng oer syn siele de frjemdte:
Hwer bleau nou dat Keninklik wirk?

En nimmen hie 't wird for 't de smerte
En treast yn 'e trûr wist nin ien:
Johannes, dat ljeavjende herte
Waerd wei yn in triljende trien.

O 't kroppe hjar wyld yn 'e kiele:
Is dit nou de roail foar ús thús?
En 't swird sloech syn flym yn hjar siele:
O toarnene kroan by dat krûs!

Hja seagen hjar Heilân wer hingjen
 Tsjin ûngroun fen weiwerden ljocht;
 Hja hearden syn warden wer wringjen
 Utheljend yn 't hege: folbrocht!

En nou wier de Master wol riizge
 Ut kloer fen 'e koeljende dea;
 It wier oan hjar eagen biwiizge
 En field hien' hjar hannen syn lea, —

Mar 't wier net de freugd fen alearen
 It libben fen do al den dei;
 Sà kaem hjar syn segen yn de earen,
 Sà wier er út de eagen hjar wei.

Sa stien' hja; en Petrus de foarste
 Spriek: „ik wol wer fiskje, 't stiet frij”,
 Wol wier 't eft hwet tearens hjar barste,
 Mar 't wird wier: „wy geane mei dy”.

Mar gyngen se de âldwende wegen
 Fen pake en fen oerpake leard,
 Hja misten de treast fen de segen:
 Hja fisken, mar 't fangen wier neat.

„Siz, ha jim” spriek immen oan de oere
 „Myn berntsjes, hwet taspize ré?”
 Mar 't andert biwiizge 't oerstjûre
 Yn 't koarte en fortwiivlende: né!

Do hijitte de frjemdens hjar fiskjen
 Allyk eft hwet eigens it wier,
 En, wûnder fen wêdom forwiskjen:
 't Wier swide, ho'n fangsten der hie.

Do fieldde de tearste Gods wierens
 As gloed fen in fûnkljende stjer,
 En 't skokte yn syn herte mei blierens:
 't Is Jezus; myn Master is dêr!

Syn siele is yn 't suvre forkleare
 Syn mûle seit bliid hwet er mirk:
 „O Petrus, dy frjemd is de Heare
 Dat wûnder is Jezus syn wirk”.

Him wyndre de skyl ek fen de eagen
 En Petrus wier de âlde wer sa;
 Oerstjûr troch de wieljende weagen
 Swom hy op syn hertedoel ta.

Sa kaem wer hjar Heare yn 't formidden
 't Waerd rêtstich yn 't skolprjende hert;
 't Waerd búgjend yn hillich oanbidden
 Op klingen fen ivichheit set.

Hja hokken sa deun om him hinne
 Sa ticht by hjar Heilân en Hear;
 Sterk oandien fen geastlike minne
 Sloech 't herte hjar triljend en tear.

It wier as in teltsje fen eren
 De macht fen in blank fisioen
 Hja libben yn hegere sfearen
 Omtein mei in himelske tsjoen.

Hja ieten en fielden hjar sêdde;
 Hja peinzgen noch tinkstille nei
 Oer 't heil fen de bodder en mêtde,
 Oer Israëls kommende dei.

Do klonk it: „hastû my it ljeafste,
 Hâldst, Simon, it measte fen my?”
 — Myn Heilân, Jy binn' my it ljeafste
 Fortrou op dy fêstichheit frij. —

„Den weidzje myn lamkes! — mar ljeavest
 O Simon, my wier mei dyn moed?”
 — Ja Heare, ik ljeavje Jo ljeavjend
 For Jo eltse drip fen myn bloed! —

„Den hoedzje myn skiepkes! — dos ynlik
 Dû Jonasber, ljeavest dyn Hear?”
 Do waerd it de rotsman sa pynlik
 Dy fraech for dy mannicoste kear!

— Myn Heare, Jy witte alle dingen
 Jy fieie de slach fen myn hert:
 My gânslik as offer to bringen
 Myn Heilân ik weegrje it Jo net! —

„Den weidzje myn skiep! en scilst lije
 Forskoppen en bân om dyn lea,
 Dû meiste dyn libben my wije,
 Forhearlikste God mei dyn dea.

Myn berntsjes ik jow jim de segen,
 Al treffe jim smerten en rou
 It ein is, de kroan hjir omhegen:
 Dy't ljeavet, hy folgje my trou”.

A. M. WYBENGA.

IT LIBBEN FEN FREDERIK.

(VITA FRETERICI).

HAEDSTIK V.

*Ho hy foar syn stûdzje him
 nei Munster bijown hat.*

Us Frederik den, dy't al oer 'e grinzen fen syn bernejierren hinne kaem, hie mar krekt it earste fen it feintelibben preaun, do, sjedêr, by him, dy't ta noch mear stûdzje oandrang hie, it plan opkaem, om utens to gean, om't de rop gie, det dêrre noch mear to studearjen foel, net allinnich yn 'e saneamde „frije kinsten”, mar ek yn 'e God-like Skrifturen. Sels wûnderlik troch hjar swietens oandien, hime hy toarstich nei dy twaderlei gelegenheid. Sadwaende is hy, oantrune lyk ik siz, troch syn forwachting hjirfen, mei efterlitten fen mem en heitelân, nei Munster ta tein. En earst hat hy him hielendal bijown ta de stûdzje fen 'e kinsten. Mar do't hy troch syn talrike foarderingen al forneamd bigoun to wirden, hat hy om net as bigearich nei idele rom to lykjen, dy gleone langstme nei dyselde kinsten bitwongan, nei it wird fen 'e apostel „net wizer to wêzen as it heart, mar wiis to wêzen to matigens”. Dy kennis like him ommers bluisterich, en fiedster fen greatskens, folle om't yn witten folle smert is. Dêrom dat hy, dy't karde lyts to wêzen yn Gods hûs, ljeaver as to wenjen yn 'e tinten fen sûndaers, him hielendal bijown ta dy kinde dy't stichtet”.

Mar, it is gjin tiid om to sizzen, ho fier hy dêrynn foardere is: ta

hjir noch fen to sizzen! Hy riist oerein út it gebet, giet mei faesje nei it hûs fen 'e forstoarne. De âlders stienen foar him, do't hy kaem, op, mear treurjend oer de dea fen 'e siele as fen it lichem. Mar hy sels, djip suchtsjend, sinkt wer del yn gebet, hjit allegearre mei him to bidden, en neidet hy tige lang de barmhertigens fen 'e Sillichmeitser en mei-iens fen 'e Nea-Skeinde-Faem ynroppen hie, leit hy syn preesterklaed en boek, det hy tafallich meinomd hie, op it lichem fen 'e forstoarne. En súnder toevjen (wûnder om to sizzen) is krêft, út it himelyk oanbrocht, sichtber wirden; hwent de lytse jonge is opslach, sa lûd as hy koe, bigoun to kriten, sikerwier forspijend deads merkteikens. Great gerop nou fen allegearre, trochinoar hinne wirde heard stimmen fen manljue en frouljue, dy God priizje en tankje foar 'e lytse boi ,dy troch de fortsginsten fen pater Frederik ta 't libben werombrocht is. Mar hij, dy't it jûchjen fen 'e minsken mar in bytsje rekkene, hat súnder útstel oan it boike de doopsgenede tadield, en mei-iens ek oan 'e Loksillige Faem, troch Hwaens twiskenbeidenkommen hy him forheard wiste, de ynlikste tank tabrocht. Oan hjar wolwollen skreau hy it alhiel ta, oan syn eigen fortsginsten neat. En net súnder reden. Hwent de oare deis hat de jonge de dead, dy't hy deis tofoaren sa forkeard bigoun wier, lokkich folbrocht.. Hwa scil sizze kinne, det hy net nei de winsk fen syn hert forheard is? omde ommers bard is, hwet hy yn it gebet oanjown hie. Op 't lêst is troch dit forskaet fen foarfallen syn herte sa ôfmêd, det hy dy deis forgotten hat syn brea to iten, en de hiele wike mei fêstjen trochgien is.

Tonei mear.

FORBETTERING.

Yn rigel 5 fen boppen bl. 57 moat lêzen wirde: troch hwaens fortsginsten *it* de seining...

Side 59 rigel 9 fen boppen moat stean: it effekt it fromme affekt.
En yn rigel 1 fen ûnderen bl. 59: En *as* it immen....

Weardearring.

De kranten brochten it nijs fen 'e bineaming fen Dr. Wumkes ta Bibletekaris fen ús Provinsiale Bibleek. Dat is ús allegear in eare. Hy scil griffernôch strak de preekstoel misse en de preekstoel him, mar oars, wy hawwe Gods liedende en hoedzjende hân ek yn dizze

bineaming op to merken. De kânselarije is ús arsenael; opheappe lizze dêr de skatten oan religy en kultuer fen Fryslân. Wy hawwe forwachting. Mocht it God biljeavje him dêr lange jierren op dy post to hâlden, den kin Fryslâns stoarje en taal noch folle mear doel fen syn arbeidzjen wêze as foarhinne. —

Ien fen 'e earste oprjuchters, teffens ien fen 'e earste Haedbistjûrsleden fen ús selskip, de Hear Johannes Schuringa fen St. Anna is ús troch de dea ûntfallen. Tiden oanien hat dizze man hjir for de Grif-fermearde Jongerein in persoan fen bitsutting west, earst as Skriuwer, letter as Foarsitter fen 'e Fryske Ofdieling fen it Boun. Alderlei drokte hat him forhindere om folle for ús biweging to dwaen. Hy hat ús saek mei syn namme stipeleare en dat hat, binammen by ús opkommen, net sùnder ynfloed west. Nei Jezus gien, mijje wy hoopje. —

Yn 't foargeande nûmer is dominy Douma fen Britsum bigouw ús in oersetting to leverjen fen de *Vita Fretherici*. Om't dit in stik wirk fen bitsutting is, mei de attinsje fen de lêzers hjir wol tige for frege wirde. Dat âlde geskrift lit yen sjen de bernlike frommens en teffens de faek snedige opmerkingsgave fen de skriuwer. De oersetting, dy't him sa deun mûglik by de tekst oanslút, lit ek de styl fen 'e skriuwer wer for ús libje. Alde kleasterpompieren, handeljend oer it godstsjinstich libben út eigen kontrijen bringe yen wer mids dy âlde tiden. Siket men Hallum yetris op, it kin yen wêze eft men yen wer oerset fielt mids de kleasterwrâld mei syn talrike mûntszen, hwêr't wy fen leauwe det forskaten nou yn Gods himel *mei Marije* en alle loksilligen de lof fen de Heechste Majesteit útjubelje. —

It kin yen somstiids goed dwaen as yens wirk weardearre wirdt. Sa giet it my mei de Psalmbiriming, dêr't forskate kindige mannen hwet goeds fen sizze. Mar 'k hoopje ek dat de winsk fen 'e Hear Hof neikomt det it by de minsken dy't my nei steane yn 't gelove net by in tank-yn-wirden bliuwe scil. It moat op in lêzen en in opheljen fen 'e Fryske psalmen ta.

Sa'n opmonterjend wird waerd my okkerdeis ek troch in foaroan-steande man út ien fen ús gritenijen tastjûrd. Ik nim dêr in mannich rigels út oer.

Mei de Geast fen God bisiele,
Yn syn krêft en ta Syn rom,
Mids de drokten en 't bislom
Namen Jy de pinne yn hannen,
En hwer't faeks ek oaren strannen
Setten Jy de psalmen oer,
Wy binn' tankber for jins dieden
Yn 't bilang fen 't Fryske folk.

Soks kin yen goed dwaen.

A. M. WYBENGA.

sjugge, en weardiger binne it liederskip op hjarren to nimmen. Lit Visser en Schurer de lege plakken bisette, de earste om to liedien as foarsitter, de twade om to liedien as skriuwer. Beide binne hja brette en trochsettende Friezen, dy de fragen fen de nije tiid oan-doare, om der for Fryslân en it Kristlik diel fen Fryslân in antwird op to siikjen; beide ek binne hja praktysk, troch oanliz en deistige omgong, om for hjar idéen de brûkbere foarm fen de die to finen. Visser hat de ûnderfining fen fyftjin jier, en Schurer is in dichter en sjucht folle by intuïty.

Dit is it earste nedige, it bigjin fen folle foroaring.

Y. 'e. L. G. — F.

E. B. FOLKERTSMA.

Hwer't it oan leit.

Dat jowt in skoane plof ôf. Alle Selskipsruten dinderje en de kalk skilfert fen 'e mûrren.

Sa stride Friezen. Kultureel en mei faesje. Wrâld, dû kinst sjen hokfor skoandere jonges wy binne.

Hjur sa, Kamerling mei dyn kreaetsje v. Dyk, strop en kûgel en yn fjouwer moaten; nei Noard-, East-, West- en Midsfryslân de biwizen fen jim ûnmachtige lieding.

Skare, dy't de wet net wit, bargebisten dy't fen foaren net witte det jim fen efteren libje, kij, dom berne en nea der by leard, lit jim net langer fen dy Grinzer figuerlike skieppinhoeder op 'e braekswallen delbêdzje, mar in echte Britsumer greidboer moat jim yn 'e finne liede.

Hûndert tûzen kesten, it moat ophâlde. Dat âld karbrief fen nul acht is minstens acht graden ûnder nul sakke.

Algemiene fryske biweging, aksje, úntjowing, skôging en al sok spil moat der komme —

Yn earnst, scoene men mei Folkertsma syn foarslaggen in striebreed foarút komme? Ja, der scoene twa man nei ûnderen kelderje, mar dat scoe de hals wêze.

Wier is 't, der binne by ús Selskip minsken dy't net konsekwent as ideael stelle doarre: for Friezen yn alles Frysk. Mar hja, dy't

meiwirkje om Bibel en Psalmboek yn 't Frysk ûnder it folk to bringen, oanstjûre op it heechste, scille der mei gauwens net foar wei kinne om alle legere dingen for 't Frysk op to easkjen. Lit it hijris iepentlik sein wirde: det it Psalmboek printe werde koe, dat is Kamerling syn wirk.

Faek scil 't mear fen it stadige trochsetten den fen 't gystene opdriuwen komme.

Hwet de Steatebibel for Nederlân west hat moat de Fryske Bibel for ús lân wirde. En as wy yn eigen tael bidde en psalmsjonge, den geane wy ek op de Fryske preek ta. Dy moat algemien wirde. En oan ús berntsjes frysk ûnderwys.

Wy moatte mear yn kontakt komme mei ús folk en de folkssiele. En gjin gestriid ûnder inoar as foaroanmannen fen it Christlik Selskip. For in inkeld kear mei in trammelantsje it folk op ien ein helje, it scil op in dûr komme moatte fen ús ljeafde en ús sels yn tsjinst stellen fen Fryslân en de Friezen.

A. M. WYBENGA.

Ut de Boarterstiid.

V.

Pibe draefde hird nei de kokensdoar, dy't yn 'e skûrre útkaem, en Jelle kroaske him stadich efternei.

Durk dy't hielendal efter op 'e golle omstrûnde, hie fen 't gefal neat fornommen. Hy wier der dapper oan 't siikjen, en mei't it dêr al bigoun to skimerjen foel dat net ta. Ik scil dochs noch wol ûnder sjen moatte, tocht er, en stiek wer op 'e ljeudder ta. It wier dêr deastil en nou't ús maet gjin inkeld libben wêzen om him hinne fornaem, bigoun syn hertsje al in bytsje lûder to slaen.

Dêr wier hy by de ljeudder, en krekt scoe hy der by del, do't dêr ûnder in wyt stal forskynde dat stadichoan op him takae. Syn hert bleau efkes stean fen skrik en syn knibbels bûgden troch. Ynienen stout er op. In binaud lûd komt him út 'e kiel en mei faesje stoarmt er de souder oer. Hy stuitemt tsjin 't hea oan, en krûpt den sa djip mûglik wei, twisken in âld kammenet en it hea yn. Alhielendal forbouwerearre bliuwt er dêr lizzen. Stiif knypt er de eagen ticht, om de

NEIPRATEN.

't Skynt elk net rjucht dûdlik to wêzen det in Tiidskriftbistjûrder min forantwirdlik steld wieerde kin for de ynhaâld fen 'e stikken dy't er opnimit, binammen net as dy stikken troch de ynstjûrders ûnder teikene binne. Somstiden kin men sels fier fen dy stikken ôf stean, mar it is den gewoanwei it bêste dit koart en dûdlik oan it publyk to sizzen. Dit mien ik mei it forneamde stik fen Folkertsma yn it foarige nûmer dien to hawwen.

Dochs hjir in yette lyts wirdke.

Opnommen is it stik om nimmen reden fen tinken to jaen det wy de uttering fen dat diel fen 'e jongerein, dat yn Folkertsma syn warden pinfierder foun hat, bismoare woene. De útkomst op 'e gear komste det Schurer fen F. oanwiisd, mei sa goed as algemiene stimmen keazen is, hat my biste vige yn 'e mieming, det it Selskip dit ek de gaedlike wei achtet.

It ûnsuvere is det for it *haedbistjûrslid* Kamerling (de minske Kamerling wier fensels bûten bisprek), gjin inkeld wird fen wear dearring oerskeat. Weardzjen neffens rjuchtfeardige mijitten easket yn rjuchte forhâlding — objektief goed en minder goed foar elkoar oer to setten.

Yn 'e earste pleats is 't ús der om to dwaen it Frysk yn tsjinst fen it hillige to stellen en nimmen kin sizze de de man dy't sechtsjin jier oanien it Skriuwerskip waernaem dat net mei de him tabitroude krêft bifoardere hat. Altiten hat hy de bisluten dy't nommen waarden, en for him om út to fieren opkamen, trou bihertige.

It is den ek follein op syn plak det de Gearkomste tige ienriedich op útstel fen Ds. Douma bisleat, aan 'e Hear Kamerling tank to sizzen for de trouwe tsjinsten dy't hy it Selskip biwezen hat.

Do't yn 1915 it útstel by it Haedbistjûr ynkaem om as ideael to stellen in ientalich Fryslân, koe elk fen 'e útstelders op 'e fingerseinen wol útrekkenje, det soks moarn de dei net yn to fieren wier. En om't it praktyske wirk de earste hûndert jier, scil 'k nou mar sizze, sawel for ien- as twataligen follein itselde wêze scil, wier der ek suver gjin reden om persoanen oan hwaens ljeafde for Fryslân net to twiveljen is, oan kant to setten. Fjuchterij oer skerpe skelen kin oars netolle fortutten dwaen as in meilydsom glimke fen ús goe frjeonen dy't oan Hollanderij dogge.

Dodestiids kaem it ek út det der skeel fen opfetting wier oer it eindoel fen ús Christenfryske striid. Kamerling, wittende det hy net mei de oaren lyk op gean koe, woe ôfgean. Mar jimmeroan, út persoanlike piëteit for de man, dêr't elk fen wit det hy is in oprjuchte, syn folk en tael ljeavjende Fries, en him dêr ek nea for skammet, hawwe wy der jimmeroan op oanstien by út to bliuwen. Kin ús dêr ûneare fen bylein wie? Moat om it neikommen fen in foarste plicht it iene Haedbistjûrslid tsjin it oare útspile wie? Soks is mear handich den Christlik.

Yn ús selskip wirdt oer Folkertsma syn stik bare ûngelyk tocht.

Ik jow hjir in wurdmannich fen Roorda van Eysinga út Amsterdam:

„As ik Folkertsma syn stik lês, den wirdt it my binaud. Falt dit „bûten ef yn 'e geast fen it Christlik leauwe? Paulus seit: Al wier 't „det ik de talen der minsken en der ingels spriek, en ik hie de ljeafde „net, den wier ik in liedende bel warden. Folkertsma somde sels „it sifer op fen 'e ôfwraksele mannen, kin 't den nij dwaen, det wy „allegearre wrakselje mei problemen om it earste nedige to krijen en „it ienichst nedige út it digerjende each fordwynt? Earm folk, earm „Fryslân!

„Lokkich, ien striel biljochtet my de dizige fierte. De Heare hifket „hwet minsken dogge, om den to lieden nei Syn ivich wolbihagen; „wurde wy yn Syn erbarmjen nommen, den wirdt it Fryslân ta seine”.

Binammen mei dizze lêste worden bin ik it iens.

A. M. WYBENGA.

Ik woe eat ljeafs dy sizze.

Ik woe eat ljeafs dy sizze
Mei sêfte, ting're klang;
Oan dy in heimnis útrje
Dy't ik forswijde — lang.

Ik woe eat moais dy byldzje
Mei teare mearketael;
Eat wünders dy bineame,
Lyk yn in skier forhael.



Us earste Foarsitter.

Hjoed is der trûrjen yn ús herte hwent de loft is bleek en earnstich, de skaden driuwe doarmjend oer d' ierde, it swirk is bilitsen en dochs jowe de wolkens gjin wetter. De groun is toar en de wyn skrok en de kjelt strûst út Noardlike hernen oan.

Hy wirdt tohôf brocht, in minske dy't nommen út stof yn de ierde syn rêstplak fine moat. Hy wirdt bi-ierdige yn it lytse doarpke, hwersanne hy fandinne wier, hwer't hy oan tochte by syn doarmjen om utens en yn it frieske Heitelân, hwer't hja him nou hinne bringe moasten ta de lêste eare.

Is net syn siele yn 'e himel en scil syn geast net by ús wenjen bluwe?

It liket sa kâld, dit wurdmannich. Sipke Huismans, berne 10 Maert 1873, stoarn 19 Juli 1924, ien en fyftich jier âld, dominy to Eanjum 1901—'16, to Zevenhoven 1916—'18 en to Doetinchem 1918—'24, bi-ierdige to Loaijengea 23 Juli 1924, mar elk dy't it wit fen dit stoer-fryske, rike libben, fielt it det hjir de libbensrin fen in helt yn Israël oanjown is. En nou rêt der in great man op in lyts plakje yn ús lytse Fryslân.

Lange, lange jierren hat it frieske libben by Christlik Fryslân stomme. Der wier mar in inkeld dy't fieling for eigen stamme bihâlden hie. In inkelde stim yn in woastine en dat ek yet ienris in lûdenien. Mei earbiedenisse tinke wy hjir oan Jan van Wageningen thoe Dekama, Rinse Zylstra en Lûtsen Wagenaar.

Mar nei 1900 kamen der nijere skriuwers op. Wy scille hjar wirk net heech oanslaen, de Akkerman en Wybenga fen dy tiid scoene dat foarfëst sa net ha wolle, mar d'r libbe dochs hwet yn hjar siele, in funkje frij-fryske libben ûnder de hollânske yeske.

It wachte om opritsen to wirden. It wachte om syn gloede nei

hûnderten fryske herten oer to lôgjen. Om Christlik fryslân warm te meitsjen for eigen saek, for eigen tael, for eigen nasjonaliteit.

De man dy't dat forrijchtsje mochte wier Sipke Huismans, dodes-tiids dominy to Eanjum. Hy hie to Amsterdam yn 'e fryske studiente-klub ek al for de memmetael ivere, mar letter gjin genôch waermte foun for it tinken det yn Fryslân yette krêft en forsteaan fen eigen ropping wêze scoe.

Hy waerd yn 1908 de stifter fen ús Selskip, Foarsitter en lieder. Dy lieding wier him tabitroud. Yn 'e rjuchte, fryske, mar ek yn 'e suvere, Christlike banen.

Sa kaem Dominy Huismans yn 't formids fen ús tinken to stean by ús ús jaen for eigen biweging.

Wy hawwe him sjoen yn syn krêft.

By syn taspraken op ús gearkomsten. Op ús Priisjongan. Op ús Friezendagen.

Hy spriek oer it ienkear jong, altyd Fries en ivich Christen. Oer preekjen yn 't Frysk en in fryske akadeemje fen wittenskippen.

Dat wier kostlik. Mar hy kaem yn syn rjuchte krêft as er offisjalisime en Hollanderij ôfgisele mei syn skerpe wirden. As er de lytsens fen de lytse imperialisten to pronk sette. It hichtepunt hjiryn wier syn Frjentsjeter rede. Dy kostlike worden yn syn *Bline Simson*. Mocht yn ús de krêft wenje om it Ijocht wer yn Simson syn eagen strielje to littien.

Ek wier hy de lieder. Dy't in heech ideael hie, en in fêste wei foar eagen om op 'e gaedlike tiid ta it rjuchte doel to kommen. Dy't de rjuchte koerts hold, ek as de jongeren ris hwet gysten diene.

Sa ha wy him sjoen yn syn Germaenske hegens.

Ién jier hat er Bistjûrder fen ús tiidskrift west, mar om dy tiid wier al to forninnen det er ôftakke, en sa seagen wy him mei de ein fen 1920 ôfgean sawol as Tiidskriftbistjûrder en as foarsitter.

Hja sizze, hy hie it ideael to heech, en dat er him de forwezentliking to gau tocht. Hwa scil it útmeitsje?

Syn krêft kaem ta utering yn it skerpe, it fjouwerkantige.

Hy wier de rapper yn 'e need.

Hy hat de idéen siedde. Hja binne allegear yet lang net opkommen. Dêr binne tiden en tiden ta nedich. Scoene wy, dy't yn ús lytsens de fryske striid fier, der ré ta wêze om syn ideael op rjuchte wize neiby to kommen? Scil God suver forhearlike wirde mei ús wirk?

Wy hawwe wol bitrouwien det nou't er gien is, syn wirk bliuwe scil mar dochs kin de tastân fen ús Selskip yen wolris bikrûpe. Is net opmerklik, nou't ús âlde Lieder bi-ierdige wirdt hat ús Selskip sa min in Foarsitter as in Skriuwer?

Sa is der trûrjen yn ús hert.

Us greaten gean, en wy, hwer scille wy keare?

Nijewier, 23 Juli 1924.

A. M. WYBENGA.

Lêste eare.

Sa is den nou tohôf brocht yn it lytse Loaijengea, efkes bisiden de strjitwei fen Snits nei Skernegoutum, it stoflik oerskot fen dominy S. Huismans fen Doetinchem.

In lange rygle fen geastessibben en frjeonen folge it lyk. Op it lytse tsjerkhof mei syn iperen beammen en syn echt-frysk klokhûs stienen in mannicthe Friezen út Snits en omkriten, dy't út suvere bilangstelling en dielnimming tsjûge wêze moasten fen it bi-ierdigjen fen dizze kante Fries.

Do't it deafet dellitten wier kaem it earst nei foaren Dr G. A. Wumkes, syn frjeon en meibodder yn 'e fryske striid, jierren oanien. Ut namme fen it Chr. Selskip for Fryske tael- en skriftenkennis spriek er:

Nou hat Sipke Huismans syn sin.

Nou rêt syn stoflik oerskot op it fredich berteplak, by it Frysk klokhûs, yn Fryske ierde.

Dat wier syn ynlike langstme.

En nou is 't neikomd . . .

Mar hwerom woe er hjir sa graech lizze?

Frjeonen! Fryslân wier syn ljeafde, syn dream, syn liet, syn thús.

Yn syn lêste brief skreau er my: „It is miskien forkeard, mar ik haw altiten it gefoel, det ik yn Fryslân hirder betterje scoe”. En den winsket er: „Mochten jo en ik letter nochris wer folle dwaen kinne for de Fryske saek”.

Mar datselde Fryslân wier ek syn hertsear.

It pleage him, det Fryslân stadichoan ûntfryske waerd; det it net biandere oan syn djipste aerd en wêzen yn skoalle, yn tsjerke, yn regear.

En jimmer bin 'k in beuker bleaun.

En jimmer bin 'k in beuker bleaun,
 Sa nochtren yn in wif bisteau,
 In twivelrie yn skruten geau,
 Fen tûzen dûnkre striden treaun;
 En jimmer bin 'k in doarmer bleaun.

Ik ha Gods bloei fen blommen sjoen:
 Wiist net de blom nei frucht en sie?
 Mar 'k wist mei de útkomst rêst noch rie;
 Ik mymre yn wijreek-drôge-tsjoen;
 'k Ha skriemend blommen wylgjen sjoen.

Jim, greate ljue fen lytse wrâld,
 Scil licht myn lieten net forsteau,
 Meilydsum läns myn wente geau,
 Wis ha jim oan myn sang gjin hâld:
 Hja is sa lyts op greate wrâld.

Dochs fiel ik yn myn lytsens treast,
 Ik freegje: lit my bliuwe as bern
 Mei nocht fen dream de bloei to sjen,
 Folsleine lea mei bernegeast;
 O lit my libje yn lytse treast.

A. M. WYBENGA.

Ut de Boarterstiid.

Mar sa gau as dat by him opkaem, sloech er dy tins ek wer by him del. Den scoed er in dief wirde! Né hear, dat noait.

„Dos fiif sinten mei elkoar,” sei Jelle. „Nou dêr hawwe wy ek genôch oan. Hjir Pibe, hjir is de stûr, helje dû efkes kletterpompier. Rekkenje mar det dat dyn bydrage is.”

Pibe krige de sinten oan en draefde ta'n de doar út. De jonges setten wer wakker fen 'e ein mei hjar wirksumheden oan 'e draek. Mei Jan syn meske, hwent Jelle sines hjitte yet by 't baeiplak to wêzen, waerden ynkervingen op beide latten makke, dêr't se oer elkoar lizze moosten.

Hja laeijen der allegear op 'e noas by do't Jelle de hammer krige



Oan Haedbistjûr en Leden fen it Chr. Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse.

Eale frjeonen.

Om deselde tiid hinne det Kalma en syn maten wer oanhâld siikje by 't Ald Selskip en manhaftich sizze doarre det hja folle sein en skreaun hawwe, hwet better forswijd wier; nou't Kalma wer op arbeidzje wol mei dyjingen dy't men út oertsjûging forlitten hie, nou stekte Folkertsma de hoarnen yn 'e wâl en stiftet de fjouwer-manssterke „Striidboun”.

Trije punten yn forbân hjirmei wol ik efkes fen tichterby bisjen.
De foarste twa hiel koart, de trêdde eat wiidweidiger.

Foarst den: De wize hwerop men de saek fen de kant fen it Haedbistjûr oanfette hat.

As in tongerslach út in kleare loft, sa kaem it stik fen Folkertsma yn it tiidskrift.

In stik det hein noch to nei thús hearde yn it tiidskrift mar det troch de skriuwer op 'e gearkomste yn 't formidden brocht wierde moatten hie om der bihan'le to wirden yn bisletten rountsje.

Hwer scil it bidarje as elk for oar yn tiidskrift en deiblêd mei syn leksums komt tsjin haedbistjûr en ledén?

Organisatoryske oangelegenheden moatte ek organysatorysk bihan'le wirde.

It oarde punt: Yn it hiele stik fen Folkertsma wirdt gjin wird rept oer hwet it „principleel” forskil is twisken hem en dyjing dy hy útmakket en leech leit.

Wol skelt en racht hy op konservatieve en „permanente oppossje” mar oan't nou ta wiernen dit holle klanken en scil nimmen it raer talykje det der gûns binne dy't der for bitankje troch Folkertsma sa mar yn 'e Konservative hoeke treaun to wirden, Manrichten binne der yet dy yn ljeafde for it heitelân net ûnder dogge

for F. en syn maten, dy ek út de Fryske striid de strangste „consequentie's" oandoorre, mar hwet minder oerdwealsk miskien in oare wei karre for dy hwer F. paedwizer wêze wol.

En dan it tredde punt: de ûnfortsoenlike menear hwerop en de ûnforstandige wei hwerlâns F. syn doel birikke wol.

Hwa is Folkertsma?

Hwet is hy foar it Haedbistjûr oer?

Hwet foar it Selskip oer?

Hwet foar de ledèn oer?

Hwa is Folkertsma? Neffens eigen sizzen: „Frysk dichter en skriuwer." „Kristlik Frysk foaroanman." Haedredakteur fen it moanneskrift „Tsjûgenis".

Wûndere heimenisse mei dit blêd. Forstoarn en bi-ierd'ge, scoe men miene det it oantlit fen 'e geastlike heit dêr fen drôf stean scoe.

Mar né, in jubeltoan hearre wy: De earste frucht fen Tsjûgenis, fen de forstoarne. It boike hijt: Kristlik Frysk Striidboun. Fjouwer man sterk. Nije kimen, nij oerglânsgjen, ljochte kleare ûnthittings.

Wûnderlik scil immen sizze. Mar út it lân fen mythen is soks to forstean.

Ek de nacht yn fûle fleagen fortize bringt it berntsje to wrâld dat earst as moarntydskimer, bihoedsum en skrousk en omwoelle mei heimige dize oer de ierde slûpt.

En de nacht, út hwaens skirte it berntsje útbriek, forstjert en de lêste skaden forsinke yn 'e westerkimen.

En den dat fleurige opweitsjende fryske libben yn Limsterlân! Dat „ljochte, iepene, wyn- en sé-trochrûze" Limsterlân. Mei it „donkere, ynbannige, hertstochtelike" Gaesterlân.

Yn dit lân fen mythen, dit fryske Grikenlân.

Nearne yet earder bard yn Frysln, nearne hat immen it safier bringe kinnen det er in krite op foetten helpe koe. Né, dy hoeke kaem net efteroan, mar giet foarop.

Folkertsma-Haedbistjûr.

Kamerling. Net great, net machtich. Net om greatens ef greate lieding wier hy in great stean yn 'e wei for de nije moarn.

„Mar om syn gevvens, syn folleinens."

„Yn persoan en wird en wirk wier hy útprinte byld en suvere spegel fen hwet hy foarstie."

Neat wirdich en dochs in net to minachtsjen tsjinstanner.

Op sa'n „Tsjûgenis" mei Kamerling greatsk wêze tinkt my.

En lokkich, der binne mear wûndere camelders as allinne únder de oanhang fen Kamerling.

Ds. van Dyk.

Dizze doar it bistean yn rede en tiidsskrift syn eigen miening to uteren?

„It wier in misse set" en it is „gjin manaer det de foarsitter yn it selskipsblêd uttering jowt oan syn persoanlike winsken."

Mar op 'e gearkomste fen Pinkstermoandei easket deselde mañ dy dit skriuwt det alle streamings fen it selskip yn it tiidsskrift hijar utejie meije.

Ek de Jongfriezen dy „wraek dwaen scille op it Chr. Selskip", moatte hijar vrij uteje en ûntjaen kinne.

Folkertsma en syn maten moatte sizze kinne hwet hija wolle en in oar it slot op 'e mûle.

Ho doar dominy van Dyk it ek bistean. Mei soks moat jy it striidboun oankomme. Né, wy allinne meije ús ljochtpylken sjitte troch de fen tsjusternis swiere nacht, nadet dy pylken wieerde de bliere ûnhitting fen de keine moarntiid dy jamk berne wird.

En dan Visser en Wybenga. De twifelders.

Bang for hijar eigen skaed.

Mar tink om it striidboun. It swird fen Demokles hinget wif.

„Sûnt 1915 al tsjin Kamerling oanskopt, oantreaun, oanrost."

Mar is dat wier? Ik doar it binei hast net to freegjen.

Moeije scoe it my om Folkertsma en dochs hoopje ik det hy hijar in falsk tsjûgenis jowt fen jimme twa. Hwent oars scoene jimme, byhwennear Folkertsma gelyk hie fortsjinje der útskopt, útros, útreaun to wirden as gemiene keardels.

Folkertsma—Selskip.

Né, it striidboun is net fen doel it Selskip ôf to brekken ef der in oaren ien nêst ef foaroer to setten (wier it sa mar). Né, it wol sjen

yn neifolgjen fen 'e trêdde ynternasjonale, dy't bûten it regear om mar ek as regear yn 't regear, oeral de boel op stelten sette wol en stikum de lekkens omdiele. Men wol ledien wêze fen 't Selskip mar pas op hwet jimm' „mei Schurer en syn ústellen dogge”, yetris pas op hwent it striidboun stiet efter him.

Ek hinget langer alles fen ús ôf. Wy fryske dichters en skriuwers. Sûnder ús kinne jimm' it net rôdde.

Nou ja, Dominy Douma jowt yet hwet goeds, mar is den ek de iennichste. Dominy, jo binne de lokkige. In skoalmaster dy't gjin wirdke latyn op 'n gymnasium ynazeme hat, seit it. Jo kinne troch gean mei dit wirk. Ja jo sette it eptich oer, dat Latyn.

Winsemius, Fennema, Romkema en hwa mear, ... poëten fen 'e kâlde groun mear út Noardliker, kjeldiger kriten (de skieding leit ûnder de foarste hege brêge to Snits lâns), hwet scille Visser en Wybenga dêrmei opjeie?

Dochs wol ik hir freegje: Hawwe dizze minsken hjarren der ea op foarstean littien en hawwe Visser en Wybenga op sokke minsken dy't men binei nea heart, rekkene? It scoe al to sleau wêze.

Wy, mei ús fersen en striid-proza.” Och kom nou, eigen lof tsjonkt yet altyd. Hwerom sukkelen ús samlers den altyd oan to min copie?

En van der Valk syn „psyche”, Koksma mei syn „neisneuperijen” (Visser en Wybenga, hawwe al dizze ljue hjarren ek *sels* oanbean?) Hwet in kar.

Mei ús is it lykwol to weagjen. „Hja scille bigripe, Visser en Wybenga, dat hja al earlik sa fier komme mei de krêft fen 'e jongerein, mei de fersen fen Brouwer en Schurer en it striidproaze fen Galama en my.”

„Wolle jimm' yn goedens, den wy ek;” mar oars... tink om 'e houn, né tink om 't striidboun.

Nou ja, oant dizz' tiid ta... mar it scil nou hawwe. Net sa mar ynienen, né foarst hwet negatyf wirk. In kommissje fen redaksy en dêr Schurer yn. De samlers hwet op 'e fingers sjen. „Frisia” is der ek en dat giet foar dit wirk, dat kin hy net farre litte.

Der binne yet wol mear nuvere eamelers den allinne ûnder de oanhang fen Kamerling, tinkt my.

Folkertsma—Selskipsleden.

Der binne sa'n 500 en oant dizz' tiid ta wierne wy der bliid mei. Mar nou?

De geast fen dizze minsken is sa bidoarn, sa konservatyf. Lykwol hjarren stim is wei, sy binne it lûd kwyd. In fioele dêr't de snaren ôfmissie.

Kamerling is foart. Hy liende him net wer for 't baentsje... mar né, dit scoe in forsin wêze. Der moat stean: „Wy hawwe hjarren der útballe.” Hwent al hie Kamerling net bitanke mar hie sels op 'e gearkomste om 'e ginst forsocht... hwa doar nou yet sizze det hy ek mar ien stim kriegen hie? Wel né man, men hie ek den yet Schurer keazen. Hwa scoe miene doarre det men Schurer naem om't hy oard op 'e list set wier troch it Haedbistjûr en nou't Kamerling bitanke, earlik oan bar wier. For hwa soks tinke mocht siz ik, Folkertsma fen 'e Gaestmar it yetris: Wy, wy hawwe it sa wollen en dêrom hat de únbijtsjuttende heap yn sleauwens hjar lieder los littien.

Selskipsleden meije nou allinne bitelje en hjar stil hâlde, de „macht en de lieding is by ús, like folle hwa't yn 't haedbistjûr sitte.”

Heel het raderwerk staat stil,
Als Uw machting' arm het wil.

De hearen fjouwer binne baes en: „wy binne minmachlich, mar wy sprekke klear.”

Ta bislút.

Ik haw Folkertsma teikene sa't ik him sjuch en sa't folle selskipsleden him sjen scille. Sa folle as dwaenlik wier haw ik syn eigen warden brûkt.

Mei ik der nou in mannich wirdkes oan fêst loskje.

De samlers bijoegen hjarren sels op it paed om yn Tiidskrift en Deiblêd dizze dingen to bisprekken. Howol ik dit in mislearring fyn, mien ik dôch det ek in wearlizzing in plak hawwe moat.

Hir is yet mear needsaek for nou't de samlers (om F. syn toaan-aerd to brûken) sa'n sloppe hâlding oannamen. Wybenga troch it stik plak to jaen en Visser mei syn underskrift hwer for in great part alles yn meistimd wirdt en de sjerpkwast in oar om 'e mûle stritsen wirdt. It fenyn koe oars to goed preaun wirde.

En nou hwet it wirk fen F. en syn maten oanbilanget, ik scoe

sizze lit nimmen him nou yn 'e hoeke triuwe litte troch minsken dy't yn gjin tiden ek mar eat dien hawwe for it Selskip. Folkertsma hat it bisocht mei „Tsjûgenis” en nou't dat mislearret sikeret hy yn 't Selskip wer in earste fioele to spyljen en troch it Striidboun syn sin troch to setten. Ds. van Dyk en Kamerling hawwe it better oardiele net sa'n opskoer to meitsjen mar lit dizze sjenswize net oerslaen op oaren.

It Ald Selskip hat him oars to war steld tsjin dyjingen dy't de boel understeboppe smite woenen.

Is der dan gjin plak for de skreppers fen de saneamde „jongerein”?

Ik scoe sizze fen wol. Lit se mar dichte en skriuwe, en kriten op rjuchtsje, tsienris safolle as oan't nou ta, mar lit men den net miene det in oar yet nea hwet dien hat.

Ik lies lêsten sa'n wier wirdke yn in âld boekje: „het oordeel gaat wijder dan de konst”. Sa is 't.

Men kin hastich hwet sizze, mar it sels to dwaen dat brekt faek by de hannen om't ôf.

Nei't ik ien en oar skreaun haw is der al wer mear bard dat yn floed hawwe scille op de skiednis dy't tsjinwirdich ôfspile wirdt.

De Striidboun skynt net útdije to scullen de kant út, dy't men tocht hie mar is útdraeit op, as ik it goed haw, op 'e „Opstalbeam”.

En as sadanich scil de striid nou net gean tsjin it saneamide konservatisme yn ús Selskip, mar scil der troch positif wirk om de Opstalbeam in great bosk oanlein wirde.

Det der twa streamings binne, 't is tinkt my, nou net sa bjuster noedlik. Hwer is 't sa net yn. Det de ien it ideael heger ef fierder stelt as de oare, yn hwet organisaesje is 't oars? Nim bygelyks de A. R. partij. Kin dy hjar bigjinselprogram ta útfiering krije? Sjuch nei it skoalle-ideael. Kin hja it yn it stik fen it hilligjen fen 'e Snein? Sjuch nei de goedkeape treinen. Sjuch ek nei hwet hja easkje oer de moard'ner. En hjar mannen sitte yn 't regear mar noch kin men dat ideael net birikke. Scoe dit nou bigjinsel forsaekjen wêze?

Sa hat ek ús fryske biweging ideaelen en idealisten. En lokkich mar, hwent dat jowt libben en woltier, allinne as men den in oar dy't twivelt, net ôfmakket, mar ynpleats waerm sjucht to krijen for hwer't men sels fen yn 'e brân stiet.

Selskip en Opstalbeam scil den ek by de roes wirk togeare dwaen kinne en mei-innar oparbeidzje kinne yn folle dingen en by beiden is gjin plak for forrieders fen de Fryske saek. By beide gjin plak for Botha's en Smutsen dy bigjinsels en prinsipes forfoarmje al nei 't to pas komt. Sok soarte rint ek ûnder ús folk genôch om. Ljue dy't yn 'e hadden klappe as der in sprekkert is dy't, foaral as der jild wêze moat, it Fryske folk omheech hellet as in vrijheitjeavjend folk mei in apart aerd en wêzen, in folk hwer't steat op to meitsjen is. As de pong den iepen moat den wirdt it Fryske folksliet songen troch minsken dy't drok mei dogge oan 't formoardzjen fen eigen aerd en wêzen. Men giet ûnder it sjongen den stean . . . hwet in Ijagen. Det is den kristlik-histoarysk ef anti-revolusjonear. Botha- en Smuts-politiek.

Mar rinne der fen dat slach yn Fryslân ek genôch roun, der binne ek yet tûzenen Friezen dy't yn it Friezendorp fen tsjinwirdich yet in massive nasjonale ienheit sjugge. In nasjonale iepenbiering fen God yn wêzenroppen, fen God mei rjuchten bijeftige en met djûre deugden forsiere en oppronke, en ek troch God, nettsjinsteande folle lek en brek, oan't hjoed de dei ta yn stân hâlden. Tûzenen Friezen dy de knibbel yet net bûgden for de Baäl fen frjemdsin en nijmoadrich en oanleard nasjonalisme ef ynternasjonalisme, mar dy't fûleindich stride wolle for eigen tael, eigen wêzen en eigen rjuchten as it fjûr dat nou yet smeult, oanbliest wirdt ta in lôge.

Jaen God ús mannen dy't sa mânsk binne. Meije hja derom nou ek forspijd en forhune wirde en skoudere yn skoalle, tsjerke en steatkindige lichems, ûnder de bidders yn 'e Fryske striid krije hja in eareplak.

P. B. WINSEMIUS.

NEISKRIFT. Men kin oer it organisatoarysk birin fen 'e saek ek oars tinke.

As ús ledien in stik earst ûnder eagen krije en der oer neitinke kinne, is der kâns op better oardiel oer in stik, as byhwennear it hommels yn 'e gearkomste brocht wird.

Ek kin eltsenien nou witte hwet Folkertsma wol; en hoegt F. him net op 'e gearkomste to bikeljen det syn lûd fen it Haedbistjûr bismoard waerd.

Hwet yn 'e beide stikken fen F. oer ús — Visser en myn — hâlden en dragen sein wirdt, is foldwaende torjuchte set yn it stik fen Bonga yn it foar-foarige nûmer.

To hoopjen is, det ús Krystgearkomste ús leden wer op 'e rjuchte manear by elkoar bringt.

Fen de „Upstalbeam” forwachtsje ik gjin bosk. De bigjinsels, de wrâldskôgings rinne to fier út elkoar, stean tofolle lyk foar elkoar oer, om hjir in stevige ienheit to foarmjen. De oerienkomst — it nasjonale — is to lyts forlike by it forskeel dat spjalt makket yn it ynderlike bisteau en wêzen fen 'e minsken dy't hjar sette foar ef tsjin de Christus as Sillichmeitser en Forsoener fen ús sûnde.

A. M. WYBENGA.

Fen 'e Reade Roas.

Al twa jier hied er wenne yn 't lytse, âlde ljeave doarp en noch wist nimmen ea yet, hwer't er weikomd wier.

Hy snydre yn dy twa jier en hie ek goed syn brea? sjuch frjeonen ef bikenden seach men nea.

Hy wier sa stil en stoertsk, sa stikum en sa ticht. Hwa hie dêr ea ris yn 'e hûs west!

Al mannich libbend nijssblêd hie 't bisocht, mar jimmer wier it ideren mislearre.

Ho graech scoe bûrfrou Gretske ris efkes troch de doar sjoen ha. Mar altyd wier dy sletten en ynrinne doarst hjia net.

Allinne jouns, by neare nacht, as 't tsjuster wier, den hearde se him, mar deis — it wir in libbend riedsel yn hjar eagen.

Sa libbe er foart en ideren yn 't doarp wier sa fen him wend, men koe him by de namme, fierders net . . .

Nea hie de post der yet in briefke brocht en do dy jouns . . .

Ja Gretske sei it foart: nou komt der earstdeis mear. Dy jouns yet let, yn alle waer en wyn, hjia hie it heard, do wier er foarttein en hwerhinne wist nimmen.

De oare moarns: de blinen bleauwen ta, dat wier ek wol de hichte, mar Gretske sei: „Ei hwet, jimme binn' net mei him op 't hichte.